

Jierferslach 2021





Ynhâld

• Gearstalling bestjoer en kommisjes		2
• It keatsjier 2021		3
• Oantekens (digitale) ledegearkomste – 19 maaie 2021		4
• Jierferslaggen fan de ferskate kommisjes		
- Keatsjier 2021, fergelykber mei foarrich jier	Wedstriidkommisje	12
- Fan 'e PR-kommisje...	PR-kommisje	13
- Fan de Jongerein- & Technyske komisje	Jongerein- & Technyske komisje	14
* Priiswinners kompetysjekeatsen 2021		14
* Keatster fan it jier 2021	Wilma Sjaarda	15
- Finansjele- en stipekommisje	Finansjele- en stipekommisje	16
* Algemeene taljochting op it finansjele jierferslach		18
* Eksploitaasjerekken 2021		21
* Ferklearring kaskommisje 2021		21
- Keatskamp 2021 'Marble Mania'	Keatskampkommisje	22
• Sneon 10 july 2021: de 16e Jong-Feintepartij		24
• Wedstriidferslaggen		26
- Ledewedstriden		30
- Jong Fammen – PC – Ald Meiers – Freule – Frouljus PC		34
- Nederlânske Kampioenskippen		34
- KNKB Klasseminten		35
• Keatsmominten út 2021		36

Kolofon

Foto omslach: In tige slagge klinik foar de bern ûnder de entûsjaste lieding fan Tjisse Steenstra, Hans Wassenaar, Renze Pieter Hiemstra en harren koach Dirk van der Leest (9 july 2021).

Dit jierferslach is in projekt fan de PR-kommisje:

Mattie Dijkstra, Greet Jorritsma, Akke Jikke van Berkum, Jetske Sieperda, Judy Bergsma en Froukje Dijkstra

Gearstalling bestjoer en kommisjes

HAADBESTJOER

Dirk-Yde Sjaarda	Foarsitter
Hester Minks	Skriuwer
Ids de Boer	Ponghâlder
Dieuwke Kooistra	Algemiene saken
Chris Hoekstra	Jongerein- / Technyske saken
Romine Jelsma	Wedstriidsaken
Sjouke Schilstra	Fjilden en materialen

JONGEREIN- & TECHNYSKE KOMMISSJE

Chris Hoekstra	Foarsitter
Sietske Okkema	Skriuwer
Jan Schurer	Trainings koördinator
Johannes Hazenberg	TK koördinator
Lysbet Schilstra	TK koördinator
Geertje Sijbesma	Kompetysje saken
Klaas Sixma	Algemiene-/ Fasilitaire saken
Marijke Jellema	Opjefte jongerein
Marit Kuperus	Algemiene-/ Fasilitaire saken
Peter Stuiver	Kontaktpersoan teaml.

FINANSJELE- EN STIPEKOMMISSJE

Tjeerd Dijkstra	Foarsitter
Ids de Boer	Kontakt HB
Hendrik Okkema	Relaasje behear
Hendrik Kuiper	Relaasje behear
Jan Simon Jelsma	Relaasje behear

AKTIVITEITKOMMISSJE JONGEREIN

Imke van der Leest
Marije Schurer

WEDSTRIIDKOMMISSJE

Wilma Sjaarda	Foarsitter
Mirjam Reitsma	Skriuwer
Tjerk Politiek	Wedstriidsekretariaat
Romine Jelsma	Wedstriidsaken
Tineke Kamstra	Algemiene saken
Wietse Vink	Algemiene saken

PR-KOMMISSJE

Mattie Dijkstra	Foarsitter
Judy Bergsma	Skriuwer
Jetske Sieperda	Jong-Feinte redaksje
Froukje Dijkstra	Foarmjouwing
Akke Jikke van Berkum	Kleanbelied
Greet Jorritsma	Redaksjelid

WEBREDAKSJE

Wiepkje Hiemstra	Foarsitter
Marije Schurer	Redaksje behear
Imke van der Leest	Redaksje lid
Sieta Tessemaker	Redaksje lid
Karin Sjaarda	Ein redakteur

FJILDEN- EN MATERIALEKOMMISSJE

Sjouke Schilstra	Foarsitter
Klaas Sixma	Fjilden jongerein

KEATSKAMPKOMMISSJE

Imke van der Leest
Sieta Tessemaker
Selma de Boer
Halbe Willem Overal



It keatsjier 2021

Foar jimme leit it jierferslach fan Keatsferiening Easterein fan 2021. Alwer in keatsseizoen dat behearske waard troch it coronafirus. Lokkigernôch koenen we reedlik gau ús aktiviteiten oppakke en ha we der dochs noch in moai keatsjier fan makke. Dêrom presintearje wy jimme fansels ek wer in moai jierferslach.

Doe't ik ferline jier it foarwurd foar it jierferslach 2020 skreaun hoopte ik fan herte dat we in coronafrij keatsseizoen temjitte gean soenen. Neat wie minder wier. Sterker noch, it coronafirus liket tichterby as ooit. Want op it momint fan skriuwen befine wy ús wer yn in saneamde hurde lockdown.

As we weromsjogge op it ôfrûne keatsjier dan tink ik dat we der dochs in moai seizoen fan makke ha mei ús allen. We binne begjin april nei bûten gongen om op tongersdeitejûn in ûnderling potsje te keatsen (yn twatallen) foar senioaren. Tagelyk binne we ek los gongen mei de trainingen foar ús jongerein. Dêrneist gong ús jierlikse foarjiersgearkomste ek wat oars as oars. Foar it earst yn ús histoarje fûn dizze digitaal plak. Hooplik wie dit ek foar it lêst en kinne we kommand seizoen wer 'gewoan' byelkoar komme.

It seizoen 2021 wie ek it jier fan de 'ferhuzing' fan de Jong-Feintepartij fan de 4e woansdei nei de 2e sneon yn july. Wy ha as keatsferiening de ambysje om in 'Eastereiner keatswykein' op te setten mei op freed in

aktiviteit foar ús jongerein, op sneon de Jong-Feinte partij en op snein in partij foar senioaren. Yn 2021 wie de earste edysje fan dit keatswykein en der lizze plannen om dit fierder út te bouwen. It belooft wat moais te wurden!

As lêste fansels ek noch in wurd fan tank oan al ús frijwilligers en stipers. We bliuwe it sizzen, mar wy ha as keatsferiening gjin besteansrjocht sûnder jimme. En yn it bysûnder ek tank oan ús PR-kommissje foar dit moaie neislachwurk, dat alfiten wer de muoite wurdich is om út de kast te pakken.

Ut namme fan it haadbestjoer wol ik jimme in protte lêsnocht tawinskje en wy hoopje jimme kommand seizoen te sjen op 'e keatsfjilden.

Hooplik oant gau!

Dirk-Yde Sjaarda
Foarsitter Keatsferiening Easterein



Oantekens (digitale) ledegearkomste – 19 maaie 2021



Oanwêzich: Haadbestjoer: Dirk-Yde Sjaarda, René Rijpma, Wilma Sjaarda, Danny Roos, Wiepkje Sijbesma, Romine Jelsma, Ids de Boer, Chris Hoekstra en 29 leden

Ofwêzich mei berjocht: Hans Kooistra, Marco Hoekstra, Skoalleseize

Wurklist:

1. Iepening
2. Meidielings en ynkommen stikken
3. Oantekens fan de ledegearkomste op 11 maart 2020
4. Finansjeel ferslach:
 - rekken 2020
 - begutting 2021
5. Ferslach kaskommisje en beneaming nij lid
6. Punten fanút it bestjoer, ûnder oare:
 - ôfskied kommisjeleden
 - fakatueres: stân fan saken
 - punten fanút foarjersgearkomste Federaasje Snits e.o.
 - fúzje jongereinkommisje en technyske kommisje
 - takomst Jong-Feintepartij
7. Skoff
8. Bestjoersferkiezing:
 - Oftridend en net ferkiesber:

Wilma Sjaarda, skriuwer

Foardracht: Hester Minks

Oftridend: Ids de Boer, fjilden- en materialen

Foardracht: Sjouke Schilstra

Oftridend en net ferkiesber:

René Rijpma, ponghâlder

Foardracht: Ids de Boer

Oftridend en net ferkiesber:

Danny Roos, foarsitter jongereinkommisje

Foardracht: gjin

Oftridend en net ferkiesber:

Wiepkje Sijbesma, algemien bestjoerslid

Foardracht: Dieuwke Kooistra

9. Stikken KNKB gearkomste op 20 maaie 2021

10. Wedstriidaginda 2021

11. Omfreegjen

12. Sluting

1. Iepening

- Dirk-Yde iepenet om 20.01 oere de gearkomste: 'Wolkom allegearre by dit unike barren! Foar it earst yn de histoarje fan de keatsferiening, en hooplik ek foar it lêst, fynt ús jierlikse ledegearkomste online plak. Hartstikke moai dat jim fannejûn hjir by ús binne. Graach eltsenien de mikrofoan út en mochten der tuskentroch fragen wêze dan

kinne jim it hantsje opstekke. In fraach stelle kin eventueel ek fia de chat. Wilma, wolsto ek yn de gaten hâlde as der fragen binnenkomme. Ik wol Chris en de Poiesz yn Boalsert alfêst tank sizze foar de borrelpakketsjes. Hooplik smakket it en kinne jim de gearkomste sa goed trochkomme.



In spesjaal wolkom foar ús eareleden: Tjeerd Dijkstra en Jan Hiemstra. Ofmeldings ha we krigen fan: Hans Kooistra en Marco Hoekstra. Om't der gjin nijs is fanút de Skoalleseize ha sy harren ek ôfmelden. Dy stean normaal sprutsen op de wurklist ûnder punten fanút it bestjoer.

Normaal sprutsen fielt sa'n foarjiersgearkomste echt as in ôffraap fan it nije keatsseizoen. No ek wol in bytsje, mar dochs is it oars. Dat hoech ik jim net út te lizzen. Doe't Rutte op 12 maart ferline jier foar it earst in parsekonferinsje joech oer it coronafirus, koenen we allegearre net fermoedzje wat fan perioade we temjitte gongen. In perioade dy't noch hieltiten dwaande is en wat ek ûnwissichheid bringt oer it ferrin fan it kommende keatsseizoen. Ferline jier koenen we ús ledegearkomste noch krekt trochgean litte, want de dei dêrnei, nei de taspraak fan Rutte, gong it lân op slot en moasten we al ús keatsaktiviteiten skrasse.

Gelokkich ha we ferline jier dochs noch tal fan aktiviteiten organisearje kinnen, lykas trainingen, kompetysjেকেatsen en ledepartijen. Earst foar de jongerein en dêrnei ek foar ús senioaren. We koenen wol merke dat der ferlet wie om te keatsen en dan spesifyk it kompetysjেকেatsen foar de senioaren op tongersdeitejûn. De dielname lei mear dan 60% heger as yn 2019 en we kamen gemiddeld út op ûngefear 37 minsken per jûn. Hartstikke moai fansels en dat wolle we dan ek graach fêsthâlde dit jier.

Wat it kommende keatsjier ús bringe sil is op dit stuit noch lestich te sizzen. Op basis fan it lêste coronaprotokol fan de KNKB meie we al ledepartijen foar de jongerein organisearje, mar noch net foar de senioaren. We sille dus noch ôfwachtsje moatte. Letter yn dizze gearkomste presintearje wy jim ús wedstriidaginda foar in normaal keatsjier, mar dêr sil dus noch yn skood wurde moatte.

We gean los! Ik wol eltsenien in noflikke gearkomste tawinskje.'

2. Meidielings en ynkommen stikken

Meidielings:

- Gjin meidielings.

Ynkommen stikken:

- Der binne gjin ynkommen stikken foar dizze gearkomste.

3. Ferslach fan de foarjiersgearkomste fan 11 maart 2020

- Elts lid hat de oantekens fan de foarjiersgearkomste al tastjoerd krigen. Dirk-Yde freget de oanwêzigen oft hjir noch fragen en/of ûndúdlikheden oer binne:
 - *Tjeerd Dijkstra: foarrich jier frege Abe Jan Stegenga der nei oft it MFT ek ûnder de SKS falle kin, wat is de status hjir fan?*
 - Is troch de corona perikelen net bepraat omdat we gjin gearkomste hân hawwe. Dit sil takom wike barre tidens it jierlikse oerlis mei de Skoalleseize en SDS.*

Hjirnei wurde de oantekens fêststeld.

4. Finansjeel ferslach

- René jout oan de hân fan ûndersteande tabellen útlis oer de finansjele sifers fan 2020 en de begrutting foar 2021.

Rekken 2020 - Organisaasje

Opbringsten	Begrutting 2020	Rekken 2020	Rekken 2019
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Ynkkomsten partijen	0	0	0
Sponsorjilden	3.250	1.750	3.250
Kontribúsje en trainingsjilden	7.854	6.040	7.779
Aksjes	3.650	1.502	2.848
Subsydzje Gemeente	550	548	705
Subsydzjes en bydragen	0	500	2.600
Ferskate opbringsten	1.455	473	3.580
Totaal opbringsten	16.759	10.813	20.763

Utjeften	Begrutting 2020	Rekken 2020	Rekken 2019
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Prizen en krânsen	205	241	161
Kosten wedstriden	100	24	271
Ferieningskosten	8.363	3.601	9.732
Hier sporthal, fjilden, materialen	646	772	1.118
KNKB en Federaasje	3.322	3.222	3.495
Aksjes	1.200	0	1.199
Materiaal	1.400	231	4.173
Totaal uitgaven	16.236	8.092	20.150
Resultaat	1.523	2.721	613

Rekken 2020 - Wedstriden

Opbringsten	Begutting 2020	Rekken 2020	Rekken 2019
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Ynkomsten partijen	2.166	1.091	2.007
Sponsorjilden	9.200	2.710	11.730
Kontribúsje en trainingsjilden	0	0	0
Aksjes	1.650	300	1.711
Subsydzje Gemeente	0	0	2.000
Subsydzjes en bydragen	0	0	3.675
Ferskate opbringsten	900	1.059	1.056
Totaal opbringsten	13.916	5.159	22.179

Utjeften	Begutting 2020	Rekken 2020	Rekken 2019
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Prizen en krânsen	7.920	2.433	7.083
Kosten wedstriden	4.652	1.276	5.999
Ferieningskosten	1.261	0	1.290
Hier sporthal fjilden, materialen	665	160	1.004
KNKB en Federaasje	0	0	0
Aksjes	415	62	314
Materiaal	305	0	255
Totaal uitgaven	15.238	3.951	15.946
Resultaat	-1.322	1.208	6.233

Rekken 2020 (totaal)


Opbringsten	Begutting 2020	Rekken 2020	Rekken 2019
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Ynkomsten partijen	2.166	1.091	2.007
Sponsorjilden	12.450	4.460	15.230
Kontribúsje en trainingsjilden	7.854	6.040	7.779
Aksjes	5.300	1.801	16.985
Subsydzje Gemeente	550	548	2.705
Subsydzjes en bydragen	0	500	9.275
Ferskate opbringsten	2.355	1.532	5.056
Totaal opbringsten	30.675	15.972	58.417

Utjeften	Begutting 2020	Rekken 2020	Rekken 2019
Kategorie	Euro	Euro	Euro
Prizen en krânsen	8.125	2.673	7.292
Kosten wedstriden	4.752	1.300	6.402
Ferieningskosten	9.624	3.801	24.530
Hier sporthal fjilden, materialen	1.331	952	2.310
KNKB en Federaasje	3.322	3.222	3.495
Aksjes	1.615	62	2.593
Materiaal	1.705	231	4.949
Totaal uitgaven	30.474	12.042	51.571
Resultaat	200	3.930	6.846

Eigen fermogen

	2009	2010	2011	2012	2013	2014	2015	2016	2017	2018	2019	2020
Kas	333	311	791	267	754	410	264	737	1.535	887	1.374	1.692
Bank	-80	785	1.323	656	650	492	2.576	1.332	1.064	7.307	10.196	
Sporekken	9.000	10.000	10.000	11.300	12.141	9.462	17.049	19.000	20.000	26.000	25.000	25.000
Oerinnende posten	3.172	3.224	1.164	1.074	-49	1.113	0	-130	2.576	530	1.293	623
Munten (SKS)											450	341
Rezerwefonds						1.300	3.900	8.794	10.876	11.974	12.073	18.573
Eigen fermogen	12.424	13.331	13.276	13.495	13.496	14.338	15.407	15.407	16.484	23.330	27.240	
Resultaat	190	907	-53	197	0	842	-310	1.379	-840	1.717	6.846	3.930

Untwikking Eigen fermogen



Reservearrings

- Kleanreservearring (€ 9.146)
- Reservearring keatskamp (€ 500)
- Reservearring keats off & generale (€ 387)
- Reservearring ferskate materialen (€ 560)

Begutting 2021

Ynkomsten (ôfrûne op hiele €)	Begutting 2021			Begutting 2020
	Organisaasje	Wedstriden	Totaal	Totaal
Kategorie	Euro	Euro	Euro	Euro
Ynkomsten partijen	0	1.983	1.983	2.166
Sponsorjilden	3.250	8.175	11.425	12.450
Kontribúsje en trainingsjilden	7.854	0	7.854	7.854
Aksjes	2.650	1.650	4.300	5.300
Subsydzjes en bydragen	150	0	150	550
Ferskate opbringsten	1.555	900	2.455	2.355
Totaal opbringsten	15.459	12.708	28.167	30.675

We ha in pinapparaat en in springkessen oanskaft.

Foarstel kontribúsje 2021

	2019	2020	2021	Ferskil
Kontribúsje senioren	35,00	35,00	35,00	-
Kontribúsje jongerein	26,50	26,50/10,00	26,50	-
Trainingsjongerein				
- soad	12,50	12,50	12,50	-
- fjild	17,50	17,50	17,50	-
- beide	25,00	25,00	25,00	-
Ynlied wedstriden				
- senioren	3,00	3,00	3,00	-
- jongerein: fed. Snits	2,00	3,00	3,00	-
- jongerein: KNKB	3,00	4,00	4,00	-

Foar 2021 is der gjin kontribúsjeferheging fêststeld en bliuwe de bedraggen lyk oan foarrich jier, ek de trainingskosten en ynlied wedstriden KNKB en Federaasje bliuwe gelyk.

➤ Jan Hiemstra: hoe is de finansjele posysje fan de SKS, bin sy yn de reade sifers kommen troch it corona jier? We kin hjiroer net yn detail trede mar it is ús tafallen.

Aksjes 2021

Opbringsten	Rekken 2019	Rekken 2020	Begutting 2021
Aksje	Euro	Euro	Euro
Molkwarder koeke	858	0	800
Rabo leden / Club support	417	281	350
GEKE	112	66	50
Poiesz	0	1000	0
Jumbo Flessebonnen	262	155	(Maaije) 250
Ferlotting Pearkekeatsen	253	-62	150
Ferlotting JFP	752	0	750
Ferlotting Slotpartij	154	300	250

De gearkomste giet akkoard mei de begrutting foar 2021.

5. Ferlach kaskommisje en beneaming nij lid

- Geertje Sijbesma en Karin Sjaarda ha de kaskontrôle dien, Karin fertelt: 'We ha alles besjoen, it seach der supergoed út! Lof foar de ponghâlder!' Hjirmei wurdt decharge oan de ponghâlder ferliend. Geertje Sijbesma en Karin Sjaarda wurde betanke, Geertje har sit yn de kaskommisje sit d'r op. Nij lid fan de kaskommisje wurdt Hendrik Sweering.

6. Punten fanút it bestjoer

- Ofskied kommisjeleden:
 - o Keatskampkommisje: Imke van der Leest
Imke wurdt betanke foar har ynset mei in moai ôfskiedswurdsje fan Sieta Tessemaker en krijt út namme fan it haadbestjoer in bosk blommen oanbean. Tagelyk krijt se ek noch in presintsje, in krâns mei drûchblommen, foar har 2e priis op de froulju's PC 2020 en ek foar it ôfskied fan har keatskarriêre. Wiepkje sprekt har ta mei de folgjende wurden: 'In krâns ta eare fan dyn 2e priis op de PC. In drûge krâns sadast him bewarje kinst. Drûch omdat dyn karriêre op it heechste nivo (foarearst ;-)) dien is. Mar in krâns omdat de ring ûneinich is en dat is it keatsen yn dy ek. Lokwinske mei dyn behelle priis! De kleuren stean foar de fleurigens fan it keatsen en dyn persoanlikheid. De haver foar jim moaie boereplakje.'
- Nije kommisjeleden:
 - o JK/aktiviteitenkommisje:
Marije Schurer en Imke van der Leest
- Fakatueres, stân fan saken:
 - o Der bin op it stuit gjin fakatueres!
De keatskampkommisje kin eventueel noch wol wat oanfolling brûke. As immen him/har roppen fielt meldt it dan!
- Punten fanút foarjiersgearkomste Federaasje Snits. Chris meldt de belangrykste punten:
 - o Alle ferienings ha 10 nije keatsballen krigen
 - o Trainingen federaasje takom jier wierskynlik wer yn kombinaasje mei KF Easterein en Balk
 - o Federaasjedei giet wierskynlik net troch
 - o Wurdt socht nei nije data foar de wedstriden dy't net troch gean kinne y.f.m. corona
 - o Op syk nei nije bestjoersleden
- Fúzje jongereinkommisje en technyske kommisje, Chris fertelt: 'Foarrich jier ha we ris kritysk nei de kommisjes sjoen, dêrút die bliken dat de TK en JK in

protte gemien ha en in soad slút op mekoar oan. De wurksomheden fan de TK falle no ûnder de JK mei oanfolling fan in aktiviteitenkommisje. Dit alles om de jeugd oan it keatsen te krijen en hâlden. Ekstra aktiviteiten tidens in ledewedstriid, kliniks. Alles moat syn plak noch wol fine, mar de plannen binne útsetten. Takom jier wol nije kommisjeleden nedich. Dêrneist binne we op syk nei keatswanten foar de jeugd sadat dy yn brûkliken útjûn wurde kinne en nije leden net fuort in keatswants oan hoege te skaffen. Ek it earste jier fan in jeugdlid is kontribúsje frij.'

- Takomst Jong-Feintepartij
Dirk-Yde fertelt oer de plannen foar de Jong-Feintepartij: 'Mei in wurkgroep besteande út: Jan Hiemstra, Tjeerd Dijkstra, Sipke Hiemstra (oprjochters JFP), Marco Hoekstra, Dirk Kuperus (KNKB), Bauke Dijkstra, Wilma Sjaarda en iksels fanút it HB, binne wy dwaande west de takomst fan ús Jong-Feinte te bepraten. Hjirút binne in ambysje en fisyske formulearre:

Ambysje

- o Mei de hjoeddeistige organisaasje as sterke basis, de Jong-Feintepartij mear yn ferbining stean litte mei ús leden, regio en de keatssport.

Fisy

- o Oare dei/datum
- o Keppeling oan oar evenemint (Easterein keatswykein?)
- o Optimale ynset 'marketing' (lading jaan mei bygelyks webside, sosjale media, 'aftermovie')
- o Fertsjinstemodel KF & Skoalleseize (en evt. oare ferienings)
- o Partisipaasje mei oare partijen mei in mienskiplik belang (KNKB, Federaasje, PC, Freule en eventueel oare ferienings)

Op inisjatyf fan wat minsken binnen de TK is der in wurkgroep yn it libben roppen om op de snein in grutte wylde partij te organisearjen. Hjiryn sitte Johannes Hazenberg, Sietske Okkema, Ids de Boer, Chris Hoekstra en Bauke Dijkstra.

It programma sjocht der sa út:

Freed 9 july: Keatsklinik jongerein yn de Jong-Feinte arena troch Tjisse Steenstra, Renze Pieter Hiemstra en Hans Wassenaar

Sneon 10 july: 16e Jong-Feinte partij

Snein 11 july: Okkema-partij

- *Jan Hiemstra: is der aksje ûndernommen rjochting PC?*

We bin noch net yn petear, der is wol in mail fanút de KF rjochting PC gien, mar noch gjin reaksje op krigen. Wurdt oan wurke.

7. Skoff

- Skoff fan 21.08 - 21.14 oere. Skoff is nedich, docht letter bliken, omdat de ôftredende bestjoersleden oan de doar ferrast wurde troch Syb Overal (René), Bauke Dijkstra (Danny), Imke v/d Leest (Wilma) en Jan Schurer (Wiepkje) mei slingers en kadootsjes ta eare fan harren ôfskied.

8. Bestjoersferkiezing

Oftredend en net ferkiesber:

Wilma Sjaarda, skriuwer

Foardracht: Hester Minks

Oftredend: Ids de Boer, fjilden- en materialen

Foardracht: Sjouke Schilstra

Oftredend en net ferkiesber:

René Rijpma, ponghâlder

Foardracht: Ids de Boer

Oftredend en net ferkiesber:

Danny Roos, foarsitter jongereinkommisje

Foardracht: gjin

Oftredend en net ferkiesber:

Wiepkje Sijbesma, algemien bestjoerslid

Foardracht: Dieuwke Kooistra

We nimme dizze simmer noch wijdweidich ôfskied, mar fansels ha we foar elts al in koart wurdysje klear.

- Wilma nimt nei 10 jier ôfskied fan it haadbestjoer. Dirk-Yde sprekst har ta: 'Ik mocht it net te lang hâlde. Ha spesjaal dizze trui (KF trui) foar dy oan dien. En René ek as it goed is.

Do bist yn maart 2010 yn it haadbestjoer kommen as opfolgster fan ús sus Karin. Dêr gong noch in staaazjier oan foarôf neffens my. Maart 2010, dat is in hiel skoff lyn. Doe moast it NL-alvetal noch de WK-finale spylje...

Do kaamst as reedlik ûnbekende yn it keatsbestjoer, mar hast it dy gau eigen makke. Sûnt 2014 ha wy tegearre yn it haadbestjoer sitten. Do wiest in tige aktyf en belutsen bestjoerslid en wiest faak op de fjilden te finen. Ik kin dan ek wol sizze datst in hiele grutte bydrage levere hast oan wêr't de keatsferiening op dit stuit stiet. Dêr meist grutsk op wêze.

En dan hast ek noch tegearre mei wat oare froulju (Wiepkje, Mattie, Karin en Tettje) de keatsmusikal Kening op Sokken op poaten setten. Wat in feest wie dat en in tige grut súkses!

Do bist praktysk ynsteld en hâldst fan flot fergaderjen. Dêr kaam ik al gau achter neidat ik foarsitter waard. Ik bin somtiden wol wat lang fan stof, mar as it wer ris wat te lang duorre dan....

Wilma, wy gean dy seker missen. Do giest no út it haadbestjoer, mar bliuwst as foarsitter fan de wedstriidkommisje aktyf foar ús keatsferiening. Dêr binne we tige wiis mei. **Wilma, tige tank!**



Nije skriuwer wurdt Hester Minks, sy wurdt oannommen yn it haadbestjoer troch middel fan applaus fan de oanwêzigen.

- Ids wurdt de nije ponghâlder. Yn Sjouke Schilstra ha we in nije fjilden- en materialeman fûn. Sjouke wurdt oannommen yn it haadbestjoer troch middel fan applaus fan de oanwêzigen.
- René nimt nei 5 jier ôfskied fan it haadbestjoer. Dirk-Yde sprekst him ta (stikje is skreaun troch Wiepkje): 'In ponghâlder dy fine je net samar. Lang net eltsenien wol dat, mar ek lang net eltsenien kin dat. En doe wie dêr René, net in bekinde yn de keatswrâld. Mar, sa seinen we, dat hoecht ek net. As hy mar ferstân fan sifers hat. Do kaamst yn in systeem terjochte fan Anco en Klaas. No, en dêr wie net in detail yn mist. It sjocht der geweldich út, mar tagelyk tochtst; dit moat dochs makliker kinne. Hast de excel bestannen, sûnder dat je dingen oerslaan of ferjitte, dochs wat draagliker makke.

De keatswrâld wie nij foar dy, mar no kinne we dy net oars. Hast fan it saaklik bestjoersstikje der in hobby by kreëard. En asto wat dochst, dan dochst it goed. En...foarop stiet: it sil net oan it materiaal lizze! Foar dyn nije hobby is neat te min. Nije outfit, nije skuon, nije keatswant en omdat we ris oppere hienen hoe leuk it mei in drone wêze

soe. No foarút, ek in nije drone. Spitigernôch wie dy net yn primêre kleuren te krijen, oars hie dy ek fêst yn it read oanskaft wurden.

Op technysk gebied bloeist hielendal op. Dat is echt dyn ding. Dochst ûndersyk, bist nijsgjirich en as der wat net is, och ... dan meitsje ik dat dochs sels mei myn 3D printer!

len bûten de keatswrâld bringt in nije 'kijk' en dêr sil dyn karakter ek yn meispielje. In frisse en krityske blik op rinnende saken, op takomstbielden en seker nêt wat yn it ferline spile. Want as we dy earne mei op de kast krije, dan is it wol mei de útspraak: 'sa hawwe we dat altyd dien', of 'sa dienen we dat oars ek'. Foar ús wie it somtiden in 'eye opener'. Want hoe faak gean je yndied net fierder op de dingen sa as se gean en stean je net mear stil wêrom't je wat dogge. Mar fansels blykt dat der wier wol dingen oars kinne. Do bist ek in rasjonele tinker, listst dyn gefoel net meispielje. By diskusjes of kwesties koest de trochslach jaan troch allinnich nei de feiten te sjen. Dan kaam der wer in listke mei foars en tsjins en wienen we der samar út. Sa simpel kin it somtiden wêze.

Bûten de ponghâlder om, hiest in sit yn de finansjele- en stipekommisje. De foarsitterstaak woest net oernimme. Tjeerd die dat prima neffens dy en 'never change a winning team'. Fergaderje dogge jim net faak, as it nedich is, dan is it nedich en dan is it ek effisjênt. Al moasto se ek wolris achter de broek oan, omdat dit net hielendal dyn manier fan wurkjen is. Wat klear is, is by dy klear

en wannear't der earne in datum foar stiet, dan moat it foar dy tiid ek ôf wêze. Och, oeral binne der ferbetterpunten te beheljen. Dus moasto dy der ek mar by deljaan.

Net in ôfskied yn in folle seal, mar achter in skermke dêr earne yn Winsum. Wy fiere letter mei elkoar noch in echt ôfskied, dus miskien moat dat mar by dy yn de fila. De housewarming hawwe we noch hieltyd te goede fansels. **René, tige tank foar dyn ynbring, dyn tiid en dyn geselligens.** Dêr hawwe we it noch net iens oer hân. Hiest jûn oars fêst ien fan de lêsten west. Want fansels bûten alles wat der barre moat, hinget der foaral ek in stik geselligens en in sosjaal aspekt oan it frijwilliger wêzen. Dêr hast dyn stientsje wol oan bydroegen. Dat silst fêst ek bûten it bestjoer om sa hâlde.' Nije ponghâlder wurdt lds de Boer, hy wurdt oannommen yn it haadbestjoer troch middel fan applaus fan de oanwêzigen.

- Danny nimt nei 5 jier ôfskied fan it haadbestjoer. Dirk-Yde sprekt him ta (stikje is skreaun troch Wiepkje): 'Do bist yn 2017 yn it haadbestjoer kommen as foarsitter fan de jeugdkommisje. Wiest en bist fansels sels ek noch frij jeugdich, dus hast in goed bield fan wat de jeugd nedich hat. Wy kinne dy as in rêstige krêft dy't op de achtergrûn syn ding docht. Mar ûnderskat dy net, want benammen dyn gewykste opmerkings hâldt de boel skerp en dat giet hast altyd tegearre mei in poarsje humor. Sa witte we somtiden ek net hielendal as't it no mienst of net. Mar dan gean dy eagen glimkjen en witte wy genôch.



Nei de jeugdleden ta bist respektfol, serieuus en dochst de taken mei in glimk. Sa hast in goeie konneksje mei in protte bern. It is de goede kombinaasje, serieuuze saken, mar mei sa no en dan wat humor. Hoefolle oare bestjoersleden dyn bril op hân hawwe mei foto's wie krekt sa'n ding. Efkes in grapke tuskentroch. En mei it digitale fergaderjen meist graach de achtergrûn feroarje sûnder dyn blik te feroarjen, lykas is der neat oan de hân. Boppedat hast der altyd sûkelarje by. In toarn yn it each fan sommige oare bestjoersleden. Fan lang omeamellen hâldst net en dan komt der óf in opmerking óf ien krijt in skop of earmtakke om in hint te jaan oan de foarsitter. Wat dat oanbelanget bin ik bliid mei de digitale fergaderings, ik hâld der minder blauwe plakken oan oer.



Tidens dyn sit yn it bestjoer en de jeugdkommisje bist feroare fan wurk, hast mei Ylona in hús boud en hawwe jim Lise Sophie krigen. Wat wiest grutsk om ús dat te fertellen tidens in ledewedstriid. Mar dat hús, dêr gong bêst noch wol wat tiid yn sitten. Do bist goed yn delegearjen, dat is in kwaliteit. Sa bleaun der wat mear tiid oer om te klussen, mar spitigernôch foar dy wennet hast de hiele jeugdkommisje yn deselde buert en hienen se dat al gau troch.

Praten foar de groep is perfoast net dyn ding, dus iepenings en priisútrikkings wienen neat foar dy. Dochs hast hjir stappen yn setten. Want it draaiend rêd mei de slotwedstriid is dyn 'pakkie-an' wurden en dan stean je dochs te roppen foar hiel wat minsken. Grutte klasse. En dat is ek it moaie oan frijwilligerswurk. Je stekke frije tiid yn dat wat je leuk fine, wat by je past en wêr't je jesels wêze kinne, mar ferjit dus net dat je ek altyd wat leare.

Sa as we earder al seinen, bist in rêstige krêft, mar as we dy nedich hienen dan stiest der en

ik praat foar dyn kommisje en ús as bestjoer dat it noflik wie mei dy te wurkjen. De opset fan de JK is no feroare, it betsjut dat der foar dy gjin ferganger komt. In ôfskied op dizze wize is wól krekt wat foar dy. Miskien hast Rutte sels wol efkes belle om te melden dat de gearkomsten binnen noch wol efkes wachtsje kinne. Do kinst no sa fia de achterdoar der út, hoechst net foar dy kloft minsken yn de kantine te stean. Wat in mazzel foar dy, mar it is dy gund. We hâlde letter noch wol in passend ôfskied. **Danny, bedankt foar dyn tiid en ynbring en súkses mei alles watst hjirnei dwaan giest.'** Der is gjin opfolger foar Danny omdat de JK en TK fusearre binne.

- Wiepkje nimt nei 5 jier ôfskied fan it haadbestjoer. Dirk-Yde sprekt har ta (stikje is skreaun troch René): 'Wiepkje, do hast al hiel wat kommisjes fersliten yn it ferline. Neffens my is it rûn de millenniumwiksel begûn mei in termyn yn 'e jeugdkommisje.

Dêrnei hast sawol yn 'e wedstriidkommisje en wat resinter yn 'e KOS (Kening op Sokken)-kommisje sitten. Ek hast it databehear, oftewol, de lede-administraasje al by de ein hân en hast al earder in folle termyn yn it haadbestjoer ôfsletten. Mar goed, dêr giet it hjoed allegear net oer mar it mei wol efkes beneamd wurde.

Hjoed nimst ôfskied fan it haadbestjoer as algemien lid. Dit betsjut dat in protte losse eindsjes en bysûndere projekten troch dy oppakt binne. Û.o. de realisaasje fan 'e nije webside en de jierlikse koeke-aksje sieten yn dyn takepakket. Ek waard in protte fan 'e digitale kommunikaasje mei ús leden troch dy fersoarge fanút de webredaksje. Fierder bist as klupskiedsrjochter fan wearde foar de klup, mar ek yn it haadbestjoer hat dit syn foardielen by mooglike diskusjes oer spulregels ensafuorthinne.



Ek as keatster bist eins by alle ledepartijen en yn 'e kompetysje, dysto ferline jier sels op plak 1 ôfsletten hast, aktyf. As lêste hast dy tegearre mei Robert ek tige ynsetten foar it takomstich ledebestân fan 'e KF, wat tige wurdearre wurdt.

Wiepkje, tige tank!. Opfolgster fan Wiepkje is Dieuwke Kooistra, sy wurdt oannommen yn it haadbestjoer troch middel fan applaus fan de oanwêzigen.

9. Stikken KNKB gearkomste op 20 maaie 2021

- Wiepkje: Der binne 3 hammerstikken tidens de AV KNKB op 20 maaie:
 1. Foarstel nij ledeadministraasjesysteem:

Kosten per jier < €15.000. De hiele ledeadministraasje fan de KNKB wurdt hjirby ûnderbrocht (kaderleden, bûn, leden (ferienings)). Efftsjinsje wurdt hjirmei befoardere op it bûnsburo en sil yn de takomst de ferienings better fasilitearje kinne. Der bin gjin (ekstra) kosten oan ferbûn foar de ferienings.
 2. Earste fout is beslissend (foarstel KF St Anne):

It giet om de pilot fan 1 jier foar kabouters, welpen en pupillen. As in opslach bal foar/bûten is bin de punten foar de perkpartij ek al wurdt der in slaande beweging makke. Dit foarstel is benammen skreaun fanút it perspektyf fan de bern dy't muoite ha kinne mei de each-hân koördinaasje om (sa fluch) te bepalen oft se al of net slaan meie.
 3. Oanpassings keatsreglemint:
 - a. Leeftiidskategoryen, alles skoot in jier op.
 - *Jan Hiemstra freget oft de Freule dan fan 15-17 jier is. Tjeerd Dijkstra: dat kloppet, it Freule bestjoer stiet achter it beslút fan de KNKB, it is yn it belang fan it keatsen om it in jier op te skowen, boppedat is der gjin ûndergrins.*
 - b. Opjefte regiowedstriden slút 1 dei letter
 - c. Inkele tekstuele oanpassings

It haadbestjoer wol alle hammerstikken goedkarre, de gearkomste giet hjirmei akkoard.

10. Wedstriidaginda 2021

- Wilma jout tekst en útlis oer de wedstriidaginda fan 2021: 21 partijen yn totaal.
 - 7 ledepartijen senioaren
 - 5 ledepartijen jongerein
 - 1 federaasjepartij senioaren
 - 1 federaasjepartij jongerein
 - 5 KNKB partijen
 - 1 Stipersdei
 - 1 Boeren-PC

Der is fansels noch in protte ûnwis y.f.m. de corona mar we sille besykje alle wedstriden safolle mooglik trochgean te litten. Hâld de sosjale media, opjefte-app (wa't hjir yn wol kin sich melde by Dirk-Yde, Wietse Vink of Wilma) en webside goed yn de gaten. Troch de Oranjeferiening is hjoed krekt oankundige dat der op freed 3 septimber 'kleintje doarpsfeest' is (fergelykber mei de tongersdei fan de 'normale' doarpsfeesten).

11. Omfregjen

- Mattie Dijkstra: tank oan Froukje Dijkstra en Greet Jorritsma foar it meitsjen fan it moaie jierferslach! Elts hat dit krigen mei it fergaderpakketsje.



12. Sluting

- Dirk-Yde slút de gearkomste om 22.05 oere: Tank foar jim oanwezigen! We hoopje dat we gau los meie mei de wedstriden. We sille jim op 'e hichte hâlde fia ús sosjale kanalen, webside, email of de KF opjefte-@pp.

Ek noch efkes spesjale tank oan de PR-kommisje foar it moaie jierferslach dy't jim by it borrelpakketsje krigen ha.

Genietsje noch fan jim pakketsje! En hooplik oant gau op de keatsfjilden! Minsken dy't noch efkes hingjen bliuwe wolle, dat kin fansels.'

Keatsjier 2021, fergelykber mei foarrich jier

In seizoen dat troch corona fergelykber is mei foarrich jier. Lokkich dat it dochs wer slagge is om in folsleine wedstriidaginda ôf te wurkjen. Fyn dat we wol moai op tiid begjinne koene mei it kompetysjekeatsen, fan 1 april ôf koe de earste bal slein wurde! Elts wie dêrom goed taret op de earste wedstriid yn juny.

Foar it earst dit jier it Eastereiner keatswykein rûnom de Jong-Feintepartij hinne. Sneons de Jong-Feintepartij en sneins de Okkema partij. Moai waar, prachtige keatserij én in protte wille by elts, dêr dogge we it foar!

It wie Tjerk syn lêste jier yn de WK. Mar lokkich ha we al in nije opfolger foar him fûn: Jelmer Hazenberg sil fan takom jier ôf de kommisje fersterkje. We hoopje dat hy in moaie, gesellige en learsumme tiid hat binnen ús kommisje. We betankje Tjerk fansels foar syn ynset de ôfrûne jierren!

Fierder sille we takom jier noch wat better de taken ferdiele. Sa sil Mirjam har dwaande hâlde mei it meitsjen fan de wedstriidlisten. Wietse en Wilma sille foaral it lotsjen en de wedstriidlieding dwaan mei de ledepartijen. Dêr sille we Jelmer ek yn 'opliede'.

Tineke regelt de krânsen en dêrneist hat sy de lieding oer de katering by de KNKB partijen. Romine slút de rige; as fertsjinwurdiger fan it haadbestjoer binnen de WK sil sy de losse eintsjes oaninoar knoopje en regelt se de karmasters foar de KNKB partijen.

We hoopje takom jier dan wer in écht corona-frij keatsjier belibje te kinnen!

Graach oant sjen op it keatsfjild.

Ut namme fan de wedstriidkommisje,

Wilma Sjaarda, Romine Jelsma, Tineke Kamstra,
Tjerk Politiek, Mirjam Reitsma en Wietse Vink





Fan 'e PR-kommisje

De belangrykste taak fan de PR-kommisje is it promoaten fan it begryp tusken keatsferiening Easterein en har leden of takomstige leden. Dêrneist is de ferlotting yn it Jong-Feinte wykein in flinke put. Op 10 july 2021 wie it safier, gelokkich koe dizze dei trochgean en wie it allegear tige slagge.

Yn de tarieding ûntploft ús PR-appgroep en geane we los mei allegear ideeën foar de ferlotting. Der wiene in protte stipers dêrtroch koene we moai útpakke, super! Froukje hat hjir wer in prachtige poster foar makke. Gelokkich makket Froukje alle posters en hoege wy dizze allinnich mar te kontrolearjen.

We hiene sa'n nocht om hielendal los te gean op de Winterwille middei/jûn yn desimber. We woene graach ús klean TOKO opfriskje en de KF moai yn 'e 'picture' sette. Takom jier moat dit fêst goedkomme. Dêrneist binne we dwaande mei it boerd fan de klup fan 50 en binne we opsyk nei moaie nije shirts foar de blokjerinners.

Yn oktober binne we mei syn seizen út iten wist by de Beachclub yn Snits. It wie hearlik en gesellich, as bewiisfik spifigernôch gjin foto mar it rekkentsje. 😊

De PR-kommisje,

Akke Jikke, Greet,
Mattie, Jetske,
Froukje en Judy

3	glazen.....	0,00
1	HOOFD MEL.....	0,00
1	kan water.....	0,00
1	Rivella.....	2,85
2	Sourcy Blauw.....	5,90
2	Sourcy Rood.....	5,90
1	Cappucino.....	3,35
1	Decaf cappucino.....	3,50
1	Munt Thee.....	3,85
2	Wit zoet GLAS.....	8,00
2	Chardonnay GLAS.....	8,50
1	Sauvignon blanc GL.....	4,75
2	Apfelstrudel.....	15,30
1	Cheesecake.....	7,85
1	Breekbrood.....	8,35
3	Rundercarpaccio.....	35,55
1	Zalm carpaccio.....	12,45
3	Geitenkaas salade.....	41,55
1	Kip curry.....	18,85
1	Cheeseburger.....	19,35
1	Sate Royal.....	19,35

Fan de Jongerein- & Technyske kommisje

Nei in frjemd keatsseizoen, ha wy ôfrûne seizoen lang om let wer in soad wedstriden organisearje kinnen foar de jeugd. In jier dêr't mei de ledepartijen in soad kabouters op it keatsfjild wiene en in moaie fêste groep âldere keatsers dy't harren allegear troch ûntwikkelen bliuwe. Mar ek de opkomst by it kompetysjekeatsen wie poerbêst. Wy ha in oantal nije dingen besocht sa as it 'oranjekeatsen', ek ha wy 2 tige slagge keatswedstriden hân foar de jeugd yn gearwurking mei keatsferiening Wommels.

Hichtepunt foar de jeugd wie de klinik op de freed foar de Jong-Feintepartij, it partoer fan Tjisse Steenstra, Hans Wassenaar en Renze Pieter Hiemstra ha der in prachtich evenemint fan makke yn de Jong-Feinte Arena ûnder lieding fan trainer Durk van der Leest!

Moaie oanknopingspunten foar it kommende keatsseizoen om op fierder te breidzjen. Lâns dizze wei wolle

wy ek graach alle frijwilligers en âlders betankje foar alle help dy't wy krigen ha by it kompetysjekeatsen en by de wedstriden, sûnder dizze help wie dit allegear net mooglik west!

Ut namme fan de Jongerein- & Technyske kommisje,

Chris Hoekstra



Priiswinners kompetysjekeatsen 2021



Kabouters:

- 1e priis: Jelke Sijbesma (68 punten)
- 2e priis: Meike Overwijk (63 punten)
- 3e priis: Benthe Stoffelsma (50 punten)

Welpen:

- 1e priis: Fenne Sijbesma (76 punten)
- 2e priis: Elin Stoffelsma (73 punten)
- 3e priis: Tryntsje de Jong (66 punten)

Pupillen:

- 1e priis: Brecht Stegenga (75 punten)
- 2e priis: Pieter Age v/d Weide (52 punten)

Skooljeugd:

- 1e priis: Tjitske Joustra (64 punten)
- 2e priis: Fianne Dijkstra (55 punten)

KEATSTER FAN IT JIER 2021



Tsja, dan binne je keatster fan it jier. Ik wie der suver stil fan en fyn it in ear, bin der dan ek fige grutsk op! En dat dizze priis net allinnich wûn wurde kin troch talintfolle keats(t)ers docht wol bliken, want ik hoech it net echt fan myn keatskwaliteiten te hawwen ;-).

Sûnt 2009 meitsje ik diel út fan de keatsferiening. Mar keatsen sit al myn hiele libben yn myn bloed. Troch Dirk-Yde bin ik fansels mei it keatsen opgroeid en bin ik al op in protte keatsfjilden as oandachtich taskôger west. Fan 2009 oant 2021 ha ik, as skriuwer, diel útmakke fan it haadbestjoer. No bin ik as foarsitter fan de wedstriidkommisje noch belutsen by de keatsferiening.

Ik bring graach tiid troch op ús prachtige sportpark en boppedat fyn ik organisearjen moai wurk. Dat komt goed fan pas mei alles wat der falt te regeljen tidens it keatsseizoen. En dat it wurdearre wurdt blykt wol út de earfolle titel dy't my dit jier tabedield is.

Ik hoopje noch in soad jierren op en om it fjild wêze te kinnen!

Wilma Sjaarda

Finansjele- & stipekommisje

Nei it jier 2020, dat alhiel yn it teken stie fan it coronafirus, soe it jier 2021 dochs wer 'gewoan' ferrinne moatte. Alleast dat wiene de ferwachtings. Mar de werklikheid soe oars útpakke. Ek 2021 sil de boeken yngean as in jier dêr't it coronafirus de wrâld yn har greep hâldt. Yn it begjin fan it jier like it derop dat de maatregels yn it ramt fan corona ferromme wurde soene, mar mei it tanimmen fan de corona besmettings, namen de maatregels ek wer ta. Mei it ôf- en tanimmen fan de corona besmettings gong ek it keatsseizoen 2021 op en del. Troch de ûnderfining, opdien yn 2020, koene jo wol sjen dat de bestjoerders fan de keatsferiening der oars yn sieten dan yn 2020. De measte keatsaktiviteiten koene op ien of oare wize 'gewoan' troch gean en dêrtroch binne ús leden en de oare keatsleafhawwers noch ryklik oan harren gerak kommen. Alle kreativiteit is oansprutsen en dat smyt dan ek wer ferrassende ideeën op.

Wat de finansjele- en stipekommisje oanbelanget, kinne jo wol sizze dat de beheiningen en de ûnsekere tiid diels ferlamjend wurket. Us kommisje bestiet út minsken dy't fysyk byelkoar komme wolle en net fia teams fergaderje wolle. Wy ha ús oerlis yn 2021 dan ek beheine moatten yn it ramt fan de corona maatregels. Mei in oanpaste begrutting 2021 binne wy oan 'e slach gongen. Wy binne troch de ôfskiednimmende ponghâlder René Rijpma en de nije ponghâlder Ids de Boer wer belutsen west by it opstellen fan 'e begrutting 2021. De útdaging wie om yn dizze ûnsekere tiid dochs wer de ynkomsten op peil te bringen om dêrmei de ferskate aktiviteiten finansjeel dekke te kinnen. En ik mei wol sizze dat dit fanút finansjeel eachpunt wer tige slagge is.

Stipers

Mei it belied fan foarrich jier om ús stipers 'frijwillich' harren bydrage ta sizze te litten yn ferbân mei corona, ha wy yn 2021 ús trouwe stipersgroep wer 'gewoan' oan west foar harren bydrage oan de Keatsferiening Easterein. Mei 50 stipers en hast 10 leden fan 'e klup fan 50 stiene sy wer foar in grut diel fan 'e opbringsten om alle aktiviteiten yn 2021 ek finansjeel ferantwurde útfiere te kinnen.

We priizje ús as keatsferiening Easterein lokkich mei de situaasje dat in grut oantal stipers al jierrenlang oan de keatsferiening ferbûn is en de feriening trou bliuwt en somtiden sels ekstra stipet (ek yn natuera). Ein 2021 is it kontrakt mei ús haadstiper Couperus Hydrauliek B.V. wer mei 5 jier ferlinge! In boppeslach foar de keatsferiening Easterein! Hjir is by de lêste keatspartij fan 2021 (sealkeatsen) noch efkes ekstra oandacht oan skonken, foar eltse dielnimmer wie der in stikje gebak by de kofje, mei it logo fan ús haadstiper. Lâns dizze wei wolle we alle stipers wer tige tank sizze.

Us jierlikse tradisjonele stipersdei koe yn it begjin fan it jier spitigernôch net trochgean y.f.m. corona en waard útsteld oant de ein fan it keatsseizoen. Fan útstel komt faak ôfstel. Troch dat in grut tal aktiviteiten útsteld wie

nei de ein fan it keatsseizoen, wie der op dat stuit net genôch romte mear op 'e keatsagenda en wie de animo hjirfoar lyts. Wy sille as kommisje en bestjoer takom jier hjir dûbel oandacht oan jaan om rjocht te dwaan oan ús trouwe groep stipers.

Fûnsen/subsydzje/aksjes

Foar safier mooglik, binne der wer ferskate aksjes west, wêrtroch ek de feriening mei harren leden en frijwilligers in substansjele bydrage levere hat oan it rûn krijen fan it finansjele plaatsje. Ek is wer gebrûk makke fan de reguliere subsydzjes, dêr't de keatsferiening foar yn oanmerking komt. Dit jier binne der fierders gjin fûnsen oanskreaun om't der gjin ekstra aktiviteiten wiene dy't hjirfoar yn oanmerking komme.

Finansjele- & stipekommisje

Op de ledegearkomst fan de keatsferiening Easterein op 19 maaie 2021 is 'formeel' ôfskie nommen fan René Rijpma as bestjoerslid. Troch it ferskoven fan de ledegearkomst nei 19 maaie yn stee fan yn maart, hat René syn taken goed oerdrage kinnen nei de nije ponghâlder fan ús keatsferiening Ids de Boer. René hat fanút syn funksje as ponghâlder 5 jier lang ûnderdiel út makke fan de finansjele- & stipekommisje. Fan it begjin ôf hie René ferfrissende ideeën en dat hat der ta de ein folhâlde kinnen. De ferfrissende ideeën, it meitinken en syn eigensinnichheid yn kombinaasje mei syn plezierich karakter hat der foar soarge dat René in tige wurdearre lid fan ús kommisje west hat. Ek it neisitten is by René sterk ûntwikkele en slute dêrmei goed oan by de oare kommisjeleden. René hie as ponghâlder de finansjele saken tige goed ynoarder en sels nei syn ferhúzjen fan Easterein nei Winsum wie der altyd tige trou oan de keatsferiening Easterein. Mei troch syn ûndernimmende kwaliteiten hat René der sels foar soarge dat it stipersbedrach omheech gong.

Hy lit in finansjeel tige sûne feriening nei en wy witte dat wy altyd noch in berop dwaan kinne op syn kwaliteiten.

Wy binne him tige tankber foar syn bydrage!

Mei it ôfskie fan ús 'âlde' ponghâlder René Rijpma en it earste jier fan ús nije ponghâlder Ids de Boer ha wy as kommisje de taken yn 2021 sa ferdield:

- Tjeerd Dijkstra: foarsitter en stiperkontakten
- René Rijpma: ôfskiednimmend ponghâlder yn maaie 2021
- Ids de Boer: nije ponghâlder en kontakt HB, stiper-administraasje en stiperkontakten
- Hendrik Okkema: algemien lid en stiperkontakten
- Hendrik Kuiper: algemien lid en stiperkontakten
- Jan Simon Jelsma: algemien lid en stiperkontakten

Yn 2022 sille wy as finansjele- & stipekommisje, yn gearwurkjen mei it haadbestjoer en de oare kommisjes, der wer foar soargje dat alle plannen wer finansjeel ferantwurde útfierd wurde kinne en we hoopje fansels wer op in 'normaal' keatsjier.

It finansjele 'reilen en zeilen' fan Keatsferiening Easterein kinne jimme sjen by it finansjele jierferslach en de algemiene taljochting hjirop fan ús ponghâlder Ids de Boer.

Stipers

Haadstiper

Couperus Hydrauliek B.V. Easterein

Haadstiper Jong-Feinte

Grafische Groep van der Eems Easterein

Kleanstipers

Couperus Hydrauliek B.V. Easterein

Grafische Groep van der Eems Easterein

Leanbedriuw Okkema Easterein

Installatiebedrijf De Jong Easterein

Bos Mechanisatie B.V. Easterein

Jildstipers

Oranjeferiening Oranje & Heitelân Easterein

Couperus Hydrauliek B.V. Easterein

Kapsalon 't Kniplokaeltsje Easterein

Posthuma Skilderbedriuw Easterein

Bos Mechanisatie B.V. Easterein

Leanbedriuw Okkema Easterein

Grafische Groep van der Eems Easterein

Rabobank Sneek-ZuidwestFriesland Snits

MRW Accountants & Adviseurs Snits

Int. Handels- & Transportbedrijf

Gebr. Vellinga B.V. Easterein

Bouw-tekenburo Wietse B. Ligthart Wommels

Jan Hiemstra Frjentsjer

Installatiebedrijf De Jong Easterein

B. Sandstra Mesthandel en Transport Easterein

Autoschadeservice van Krimpen Easterein

Stifting Skoalleseize
FOOX | Bergsma Franeker B.V.

Brouwers Schilders - Jimbar

Mondzorg Harkema

Boubedriuw Bootsma B.V.

Jouke Huitema

Altac Coating Group

Sporthuis A.P. van der Feer

Bakkerij Molkwar

Skylk

Restaurant Bergsma

ECOstyle Group

WD-Sat

Rojo Steigerbouw

Libertas Technical Solutions

Wiersma Administratieve- en

fiscale dienstverlening

Maatskip Kuiper

Alfa Accountants en Adviseurs

Broekens

Wheagan

AB Vakwerk

Galema Chiropractie

Kamstra Steenhandel

Faber Fakwurk

5Online

Natuera-stipers

Juwelier Kramer

Bloemsierkunst De Vlinder

Bakkerij Posthuma

Murk's Slagerij

Stichting de Freulepartij

Sporthuis A.P. van der Feer

Restaurant Bergsma

Tjeerd en Mattie Dijkstra

Jumbo

Coop

Poiesz

Klup fan 50

Klaas en Jeltje Pompstra

Durk en Siemy Douma

Eddy en Pep de Boer

Anny Sjaarda

Tjeerd en Mattie Dijkstra

Hans en Dieuwke Kooistra

Tymen en Taliitha Dijkstra

Henk en Willy Bootsma

Anne Bakker Beheer B.V.

De Finansjele- en stipekommisje,

Jan Simon Jelsma, Hendrik Kuiper, Hendrik Okkema, Ids de Boer, René Rijpma en Tjeerd Dijkstra

Easterein
Frjentsjer

Wommels

de Harkema

Turns

Nijlân

Drachten

Boalsert

de Jouwer

Easterein

Easterein

Eastewâlde

Wommels

Swifterbant

Winsum

Wommels

Easterein

Ljouwert

Ealahuzen

Wommels

Snits

Snits

Hinnaard

Easterein

Wommels

Frjentsjer

Wommels

Wommels

Wommels

Wommels

Boalsert

Easterein

Easterein

Wommels

Winsum

Boalsert

Easterein

Kûbaard

Easterein

Easterein

Easterein

Easterein

Easterein

Wommels

Easterein

Algemeine taljochting op it finansjele jierferslach

2021, In jier wêryn't we foarsichtich startten troch de kennis en ûnderfining dy't we yn 2020 opdien ha. Sa ha wy de ledegearkomste salang mooglik útsteld en úteinlik mar digitaal dien. Gelokkich ha wy dit jier wol wer keatse kinnen en wie der wer in Jong-Feintepartij, it is gjin grut feest wurden mar de dei wie wol in feestje op sich.

It jier is wat letter útein setten, mar we ha der mei ús allen dochts wer in moai keatsjier fan meitsje kinnen. De keningspartij ha wy noch sjitte litten, mar heal maaie wie der al in jeugdlededepartij en de earste snein fan juny wie de earste ledepartij foar de senioaren.

Resultaat

De aktiviteiten oangeande de organisaasje en wedstriden yn 2021, binne nei reservearrings en opnames út de reservearrings, mei in lyts negatyf netto resultaat fan - € 66 ôfsletten. Dit wylst der in grutter negatyf resultaat fan - € 1.629 begrutte wie. Dit komt ûnder oaren trochdat in soad útjeften, dy't ûnder de wedstriidkosten en ferieningskosten falle, net dien binne. Oan de oare kant is wol te sjen dat de kosten fan de krânsen en prizen heger wurde.

It resultaat op de organisaasje is - € 701, dit komt benammen troch in delgong yn de ynkomsten út kontribúsje en trochdat de koeke-aksje yn 2021 net trochgien is y.f.m. de ûnwisse corona-maatregels. It resultaat op de wedstriden is € 635, dit is ûnder te ferdielen yn KNKB (€ 2.065), federaasje (- € 458) en leden (- € 973).

De rekken fan 2021 wurdt yn de foarjiersgearkomste op 23 maart presintearre yn 'e Skoalleseize.

Finansjele posysje en reservearrings*

Yn 2021 wie der ekstra jild begrutte foar 2 saken, in ekstra ympuls foar de groei fan de jeugd troch ekstra jeugdaktiviteiten en in kaderjûn foar ús bestjoers- en kommisjeleden en ús stipers. Dit koe troch corona beide net trochgean. Om dit yn 2022 dochts wer mooglik te meitsjen en it eigen fermogen net fierder oprinne te litten wurde beide bedraggen reservearre foar it kommende jier. It eigen fermogen is dêrmei oer 2021 sakke fan € 27.260 nei € 27.193.

Yn 2021 is der € 100 reservearre foar it lustrum fan it keatskamp (lykas oare jierren). Der is yn 2021 € 163 opnommen út de reservearrings, dit is bestege oan nije ballen foar de Jeu de Peloters. Dit komt út de reservearring foar de omheining fan it pelotefjild, dy reservearring wie net mear nedich omdat de omheining mei subysydje betelle is. De balâns fan de reservearrings sjocht der dêrmei sa út:

€ 9.146	foar nije klean
€ 197	foar de omheining fan it pelotefjild
€ 300	foar it lustrum fan it keatskamp
€ 200	foar nije shirts foar de lieding fan it keatskamp
€ 200	foar nije mjittlinten
€ 387	as startkapitaal foar de kombinaasje Keats-off/ Generale Frouljus PC (mei KF Wommels)
€ 500	as ympuls foar groei fan de jeugd
€ 1.250	foar in kaderjûn foar bestjoers- en kommisjeleden en stipers (hjirfan giet € 750 nei it goeie doel fia it Foppe Fûns)

** It dwaan fan in reservearring soarget foar in delgong fan it resultaat en it eigen fermogen sûnder it banksaldo te beynfloedzjen, wylst in opname út in reservearring soarget foar in delgong fan it banksaldo sûnder dat dit it resultaat en it eigen fermogen beynfloedet.*

As buffer foar ôffallers of it dwaan fan grutte ynvestearings, stribbet it bestjoer fan keatsferiening Easterein der nei om in eigen fermogen fan minimaal € 10.000 oan te hâlden. Yn de grafyk 'Untwikkeling Eigen Fermogen K.F. Easterein' dêr't sûnt 2019 ek in boppegrins fan € 25.000 yn oanjûn is, is te sjen dat dizze 'grins' yntusken al trochbrutsen is. Mei troch corona is it yn 2021 net slagge om it eigen fermogen werom yn de rjochting fan dy grins te krijen. Der is dus noch hieltyd wol romte om ynvestearings te dwaan, al moat de grins fansels net it doel wêze.

Stipers

Nei it jier 2020, wat yn alles in bysûnder keatsjier wie, ha wy yn 2021 wat wedstriden oanbelanget, wer in frij gewoan jier hân, wol hiene we wat in lette start. Wy binne dan ek tige wiis mei al ús stipers dy't dit jier wer har gewoanlike stiper-bydrage tasein en betelle ha. Tige tank!

Begrutting 2022

Nei in nuer boekjier yn 2020 sjogge we no dat de realisasje fan 2021 aardich yn de buert fan de begrutting kommen is. Der wiene hjir en dêr wol wat ferskillen, mar dat wurke beide kanten op, sawol by de ynkomsten as by de útjeften. No't heal febrewaris bekend wurden is dat we sa goed as werom gean nei it 'âlde normaal', gean we foar 2022 dêrom mar

wer út fan in 'normaal' keatsjier. De begrutting sil op 'e ledegearkomste yn maart yn 'e Skoalleseize taljochte wurde.

Aksjes

Troch de corona en de ûnwissichheid dy't dat mei har meibrocht foar it wol of net trochgean kinnen fan aktiviteiten, is der yn 2021 gjin koeke-aksje west. Ek wiene we net ynlotte foar de Poiesz-aksje, mar we witte wyls dat we yn 2022 gelokkich alwer meidogge!

De oare aksjes ha yn 2021 € 1.391 opsmiten:

- € 359 Rabo Clubsupport
- € 56 GEKE
- € 185 Ferlotting Slotpartij
- € 791 Ferlotting Jong-Feintepartij

De nije ponghâlder

Ja, dêr sitte je dan as nije ponghâlder foar it earst in taljochting op it finansjele jierferslach te skriuwen. Wêr moat ik begjinne, wat moat der eins allegear yn stean? Earst mar it jierferslach fan 2020 op tafel, ris sjen hoe't René dat altyd die. Sa't jim hjirboppe lêze kinnen ha, is it dochs slagge om der wat fan te meitsjen, al sis ik it sels.


René einige syn lêste jierferslach mei 'Oan alles komt in ein...'. It nuvere is no dat dit myn earste jierferslach is as ponghâlder, mar it is ek fuort myn lêste is de

bedoeling. Begjin jannewaris ha ik by it haadbestjoer oanjûn dat ik myn funksje as ponghâlder wer dellizze wol nei in jier. Troch alle drokte fan in nije baan en dizze HB-funksje, dy't ek nij is, bin ik thús mei it ferbouwen net in soad opsketten en der is de kommende jierren noch in soad te dwaan. Ûndertusken ha ik yn desimber dy nije baan opsein en gean ik wer werom nei myn âlde wurkjouwer. Mar dat betsjut dat ik freeds net mear frij bin, dus bliuwt der minder tiid oer foar oare dingen. Yn novimber en desimber wie ik hast altyd op freedtemoarn mei de boekhâlding en stiper-administraasje dwaande. Dus doe't ik oan de ein fan de krystfakânsje wie tocht ik: 'Dit komt net klear'.

Ik fyn it tige spifich en hie ek myn termyn graach folmakke. Want ik fyn it moai en belangryk om wat werom te dwaan foar alle keatsers en bestjoersleden dy't der foar soarge ha dat de feriening der sa goed foar stiet. En ek foar de jeugd, sadat sy deselde mooglikheden krije as ik doe't ik lyts wie. Foar no ha ik mei it HB ôfpraten om op de eftergrûn de jildsaken draaiende te hâlden. Ek krij ik help fan myn foargonger René dy't de stiper-saken foar 2022 op him nimt, tige tank hjirfoar. Ik hoopje dat der gau in nije ponghâlder komt, en dan komt oer 5 of 10 jier myn tiid noch wol in kear.

Oant sjen,
lds de Boer






Finansjele posysje en resultaat KF Easterein

Resultaat	Bedrach
Organisaasje	-701
Wedstriden	635
Totaal	-66

	2004	2005	2006	2007	2008	2009	2010	2011	2012	2013	2014	2015	2016	2017	2018	2019	2020	2021
Kas	64	36	409	137	275	333	311	791	267	754	410	286	737	1.535	887	1.374	1.692	2.028
Bank	2.345	79	312	427	268	-80	785	1.323	655	650	4.653	492	2.596	1.332	1.044	7.307	10.196	17.065
Sparekken	21.632	16.447	15.943	8.886	11.881	9.000	10.000	10.000	11.500	12.141	9.462	17.069	19.000	20.000	26.000	25.000	25.000	20.000
Oerflinnende posten					-190	3.172	2.234	1.184	1.074	-49	1.113	81	-130	2.596	530	1.293	623	79
Munten (SKS)															450	341	303	
Reservearings											-1.300	3.300	6.796	10.896	11.996	12.093	10.593	12.281
Eigen fermogen	24.041	16.562	16.664	7.450	12.234	12.424	13.331	13.298	13.495	13.496	14.338	14.028	15.407	14.567	16.484	23.330	27.260	27.194
Resultaat	-20.991	-7.479	102	-7.214	2.784	190	907	-33	197	0	842	-310	-840	1.917	6.846	3.930	6.846	3.930
Boppegrins						25000	25000	25000	25000	25000	25000	25000	25000	25000	25000	25000	25000	25000
Undergrins						10.000	10.000	10.000	10.000	10.000	10.000	10.000	10.000	10.000	10.000	10.000	10.000	10.000



Eksploitaasjerekken 2021

Saldy	31-12-2020	31-12-2021	Resultaat
Kas	1.692	2.028	33
Betelrekken NL17 RABO 0349 5019 04	10.196	17.065	6.868
Sparrekken NL62 RABO 3495 1248 61	25.000	20.000	-5.000
Munten SKS	341,25	302,75	-39
Oerrinnende posten	623	79	-544
Totaal	37.853	39.474	1.621 (Bruto)

Baten	Rekken 2021
Ynkomsten partijen	2.288
Stipersjilden	13.057
Kontribúsje	6.494
Trainingen (seal/fjild)	533
Donateurs	1.008
Aksjes	1.766
Subsydzje Gemeente	152
Subsydzje Bydragen	0
Kreditrinte	2
Keatskliniks	0
Ferskaat	902
Totaal	26.201



Lêsten	Rekken 2021
Krânsen	2.429
Prizen	6.491
Organisaasjekosten wedstriden	3.262
Hier sporthal	130
Hier sportfjilden/wetterskiplêsten	800
Hier oare saken	0
Trainers	615
Ferieningskosten	7.102
Aksjes	290
Materiaal	1.875
Federaasje	100
K.N.K.B.	3.173
Totaal	26.267
Resultaat (Netto)	-66
Reservearrings foar 2021	1.850
Opname út reservearrings	163
Resultaat Bruto	1.621

Ferklearring kaskommisje 2021

Wy, de kaskommisje, ha tegearre mei Ids de Boer, ponghâlder fan keatsferiening Easterein, de boeken kontrolearre. De boeken en finansjele ferslaggen binne ynoarder befûn.

Hjirmei geane wy akkoard mei it finansjele ferslach oer it jier 2021 fan de keatsferiening Easterein.

Easterein, febrewaris 2021

De kaskommisje,

Karin Sjaarda &
Hendrik Sweering



Keatskamp 2021 ••• 'Marble Mania'

Op snein 2 maaie 2021 wie it wer safier, it achtste keatskamp alwer! Dit jier wie it tema 'Marble Mania', knikkergekte. Troch de corona koene we dit jier spitigernôch mar ien dei keatskamp organisearje, krekt as foarrich jier.

Om 9.00 oere moarns waarden alle liederes ferwachte, dat wiene dit jier tweintich. Foardat de 47 bern kamen moast alles klearsetten wurde. It wie kâld en omdat we net yn de Skoalleseize mochten hiene we de partytinte opsetten. Om 10.45 oere wiene de earste fanatike bern al op it keatsfjild. By de yngong krige elkenien in blauwe, reade of giele pet, dit joech oan yn hokker groep se sieten. Alle leeftiden sieten trochinoar. Elkenien hie thús wc-roltsjes sparre, we hiene in hiele bigbag fol.

It doel fan de dei wie om per groep safolle mooglik wc-roltsjes te sparjen. Oan de ein fan de dei wie dan it einspul wêrby't se in sa lang mooglike knikkerbaan meitsje moasten.

We begûnen it keatskamp mei in iepeningswurd dêr't alles útlein waard. Nei de útlis wie it tiid foar in groepsfoto, wat seach it der moai út mei al dy kleurde petsjes! Dêrnei moasten de bern mei harren groepke sa rap mooglik in knikker nei de finish bringe mei help fan wc-roltsjes. Foel de knikker op de grûn? Dan moasten se wer hielendal op 'e nei begjinne. Doe wie it tiid foar de keatswedstriid. Twa kear in heal oere keatse mei tuskentoch limonade en wat lekkers. Nei de spannende wedstriid wie it tiid foar de lunch. Elkenien krige in pûde mei in breadsje, wat drinken en in koekje. Ferskate bern hiene in handoek meinommen, sa koene we hearlik picknicke op it keatsfjild. Nei 't elk de lunch op hie, wie it tiid foar de rekreasje.





De rekreaasje stie hjoed fansels hielendal yn it teken fan de knikker-gekte. De ferskate kategoryen gongen mei harren trainers troch it doarp. Der wiene yn totaal seis plakken yn it doarp wêr't in spultsje wie. By elk spultsje koene se per kleur wc-roltsjes fertsjinje. Sa moasten de bern mei knikers: kegelje, rôlje, balansearje, boeregolfe, sjoele en jeu de boule. Mar as se fan it iene spultsje nei it oare gongen, moasten se wol om de M&M's finke ('Marble Mania's'), as se fikke waarden troch de M&M's, moasten se ien wc-roltsje ynleverje. En sels yn de kofferbak fan in auto sieten M&M's!



Om 15.00 oere waard elkenien wer op it fjild ferwachte foar it einspul. It wie fansels tige spannend, want hokker groepke hie de measte wc-roltsjes? Se hiene in pear minuten de tiid om in sa lang mooglike knikkerbaan te meitsjen mei help fan tape en in skjirre. Wa wie as earste oer de finish? Team Giel! Se krigen allegear in pûdsje snoep en mochten in party-popper ôf gean litte om it te fieren.

Nettsjinstearde it kâlde waar, ha de bern harren alderferskuorrendst fermakke.

Takom jier hoopje we wer in hiel Keatskamp wykein organisearje te kinnen.



Oant takom jier!

De keatskampkommisje,
Selma, Halbe Willem, Sieta en Imke



Sneon 10 july 2021: de 16e Jong-Feintepartij

Berltsum, mei de keatsers Corné Tuinenga, Thomas Dijkstra en Patrick van Dellen winne de 16e edysje fan de Jong-Feintepartij yn Easterein! Yn de finale wienen Eksmoarre en Berltsum echt oant de lêste slach oan elkoar weage. Mei alles oan 'e hang wie it foar it publyk dan ek in dreamfinale om nei te sjen. Mar úteinlik luts Eksmoarre mei de keatsers Christiaan Stremmer, Gerben de Boer en Pieter Jan Leijenaar oan it koartste ein. Sy koenen de lytse keats mei de opslach net ferdigenje.

Op dizze 16e edysje waard der keatst mei in totale prizepot fan rom € 3.800. Hiel wat om foar te striden, as de ear al net genôch wêze soe. Op de list stienen 21 partoeren. Spitigernôch hienen Peins en St. Jabik harren noch ôfmelden foar de wedstriid. Debutearjende feriening wie Eanjum. It wie ideaal keatswaar: praktysk wynstil en in noflikke temperatuer. Dochs moasten de fjilden omlein wurde foar de heale finale. In dikke plom wer foar alle keatsers, karmasters en oare frijwilligers dy't hjoed de hiele dei yn it spier wienen. Sels eks Jong-Feinte keatsers fine as frijwilliger it paad nei de keatsferiening, grutte klasse.

Berltsum is de earste omloop frij fan keatsen om't St. Jabik harren ôfmelden hie. Op de twadde list komme se Menaam tsjin. Dit wie gau dien mei 5-1:6-6. Dêrnei treffe se Bitgum. Op 5-2 liket Bitgum noch werom te kommen, mar op 5-4:6-0 slacht Yannick Hielkema de bal kwea. Hjirmei giet Berltsum troch nei de heale finale. Dêr komme se Dronryp 1 tsjin. Dronryp 1 hat de 3e omloop noch aardich knokke moatten tsjin doarpsgenoot Dronryp 2. Yn it begjin liken se oan elkoar

weage, mar nei 3-2 rint Berltsum út en lûkt de wedstriid nei sich ta mei in einútslach fan 5-3:6-0.

Eksmoarre komt yn de earste omloop Spannum tsjin en wint dit frij ienfâldich mei 5-2:6-0. Dêrnei keatse se spannend tsjin Frjentsjer 1. Nei in opslachflater fan Frjentsjer wit Eksmoarre te winnen mei 5-4:6-0. Op de tredde list wurdt der keatst om de finale of neat. Eksmoarre wint dit oertsjûgjend fan Ingelum. Gerben de Boer lit hjir al moai útslachwurk sjen troch ûnder oare in boppeslach te meitsjen mei in ûnderhânske drop-kick! Se bliuwe stean en komme sa yn de finale.

Yn de finale pakt Berltsum it earste earst op 6-6 trochdat Eksmoarre yn in triktrak de bal elkoar op it liif slacht. Der wurde oan beide kanten in soad boppeslaggen makke, mar hjir tsjinoer stean ek regelmjittich opslachflaters. Beide partoeren gean foar alles of neat. De earsten wurde hieltiid om en om pakt, wêrtroch de wedstriid hieltiid yn lykwicht bliuwt. Op twa earsten gelyk wachtet Pieter Jan Leijenaar op in spannend stuitsje, mar wit de bal yn it tuskenspul dochs werom





te slaan en hallet sa it tredde earst binnen. It folgjende earst pakt Berltsum mei in boppeslach. It bringt de partij wer op trije earsten gelyk. Eksmoarre wit drest it fjirde buordsje oan de tillegraaf te pakken. Thomas Dijkstra fan Berltsum slacht yn it tuskenspul prachtich de bal werom it perk yn en dat bringt de stân op 4-4. Oant it lêst ta wurdt der foar elk punt knokt. Sa pakke se der beide noch in earst by en binne se mei 5-5 wer lyk. Eksmoarre liket de winst binnen te heljen troch twa opslachflaters fan Berltsum, sa komme sy op in 6-2 foarsprong. De folgjende keats slacht Berltsum boppe, it wurdt 6-4 en de spanning is werom. Trochdat Eksmoarre de bal net goed genôch rekket kin Berltsum de keats keare. It koe ek hast net oars, mar alles oan de hang! In triktrak makket de dreamfinale kompleet

wêrtroch der in lytse keats komt te lizzen. Eksmoarre stiet oan de opslach mei twa kearders foar dy lytse keats. Berltsum slacht de keats foarby, Eksmoarre besiket noch de bal werom te slaan, mar komt der net oan ta. Berltsum wint!

PRIISWINNERS JONG-FEINTEPARTIJ 2021

1. **Berltsum** (Corné Tuinenga, Thomas Dijkstra en Patrick van Dellen)
2. **Eksmoarre** (Christiaan Stremmer, Gerben de Boer en Pieter Jan Leijenaar)
3. **Dronrijp 1** (Jasper Jager, Mark Minnesma en Jorn Lars van Beem)



Wedstriidferslaggen

LEDEWEDSTRIDEN

19-05-2021: Ledepartij jeugd

Gjin ferslach.

Oan de hân fan de foto de útslach fan de kabouters:

1e priis: Iris Bosgra en Sven Sijbesma

2e priis: Jelke Sijbesma, Gerrit Jellema en Wout Dijkstra

3e priis: Meike Overwijk en Lotte Kuiper



06-06-2021: Ledepartij

Nei in lange corona perioade koene we lang om let wer los! Mei 35 keats(t)ers op de list in moaie opkomst: 23 manlju en 12 froulju. De manlju keatsten in 'gewoane' list en de froulju keatsten yn in poule fan 4 partoeren. Under hearlike waarsomstannichheden waard de earste bal rûn 12.30 oere slein. Nei in drege 1e omloop ferrûnen de 2e en 3e omloop wat flotter en koene de priizen om ûngefear 17 oere útrikt wurde. Hjirûnder de útslaggen.

Manlju

1e priis: Rémon Bouma, Durk Haringsma en Tom Couperus

2e priis: Bote Jellema, Roel Sijbesma en Sipke Hiemstra

Ferliezersronde

1e priis: Stefan van Krimpen en Hans Kooistra

2e priis: Wietse Vink, Pieter Porte en Jelmer Hazenberg

Froulju

1e priis: Jitske Plantinga, Froukje Dijkstra en Klaske Plantinga

2e priis: Martina Kooistra, Vera de Vries en Talitha Dijkstra

Wat in prachtige keatsdei ha we wer hân, fansels mei tank oan ús stipersgroep. Under it genot fan in hapke en drankje koe dizze earste wedstriiddei noflik ôfsluten wurde op it terras.

19-06-2021: Ledepartij jeugd

Op sneon 19 juny wie de keatspartij foar ús jeugd in echte boppeslach! Allegear yn it oranje, jokers fertsjinje, stroaipriizen, prachtige krânsen... It wie dus in echt oranje feest! Hjirûnder de winners:

Kabouters

1e priis: Jelke Sijbesma en Stijn Kuiper

2e priis: Iris Bosgra en Benthe Stoffelsma

3e priis: Lotte Kuiper en Wout Dijkstra

Welpen

1e priis: Fenne Sijbesma, Tryntsje de Jong en Hieke Jellema

2e priis: Jildau Jellema en Sanne-Frouk Dijkstra



Pupillen

1e priis: Sander Velzen en Marin van Krimpen



20-06-2021: Ledepartij

Snein 20 juny hiene we wer in ledewedstriid foar senioaren. Mei prachtich waar, in protte keatsers en in iepen kantine, wie it suver wer in âlderwetske keatsdei.

Froulju

1e priis: Judy Bergsma en Julia Paauw

2e priis: Martina Kooistra en Dieuwke Kooistra

Ferliezersronde

1e priis: Selma de Boer en Geja Hofstee

2e priis: Judith v/d Weerd en Jacqueline Buma

Manlju

1e priis: Robert Sijbesma, Harm-Auke Dijkstra en René Rijpma

2e priis: Stefan van Krimpen, Jelmer Hazenberg en Jelle de Boer

Ferliezersronde

1e priis: Julian Faber, Jos Houtsma en Han Kooistra

2e priis: Hendrik Sweering, Hans Kooistra en Jeen Houtsma

02-07-2021: Federaasjedei

Op freedtemiddei 2 july rûnen de fjilden fan KF Easterein wer âlderwetsk fol mei bern út alle hoeken fan de federaasje. Alle fjilden oant de fjouwerkante meter ta benut en wer moai lein troch ús 'fitte futters'. Gjin perkline siet mear op de rol yn it hok, net ien prop mear oer en sels tillegrafien liene fan oaren om dochs de boel foar elkoar te krijen. Koartsein: in hiele organisaasje, mar wat in prachtich gesicht wie it doe't alle bern yn aksje wiene. Om 16.00 oere koene se los yn 22 perken! Der waard keatst yn 7 kategoryen. Hjirûnder it oersjoch fan alle winners yn dy kategoryen.

Welpen jonges

1e priis: Hilwert Kuiper (Húns) en

Danny Haarsma (Skearnegoutum)

2e priis: Piet de Jong (Lytsewierrum) en

Nico de Vries (Turns)

Ferliezersronde

1e priis: Thymen van der Meer (Skearnegoutum),

Zenn Hoitinga (Wommels) en

Sjoerd Breeuwsma (Wommels)



2e priis: Daniël de Boer (Tsjerkwert) en
Wytze de Graaf (Skearnegoutum)

Welpen famkes

1e priis: Marrit Hoekstra (Skearnegoutum) en
Liv Koops (Makkum)

2e priis: Ilse Lanting (Skearnegoutum) en
Marrit van der Weij (Easterein)

Ferliezersronde

1e priis: Lenna Koopmans (Hommerts) en
Marije Poelsma (Reahûs)

2e priis: Vera Raap (Jutryp) en
Esther Lootsma (Goaiïngea)

Pupillen jonges

1e priis: Matthijs Quak (Mantgum) en
Sigert Bouma (Easterlittens)

2e priis: Jonathan de Boer (Tsjerkwert) en
Jelmar de Vries (Winsum)

3e priis: Sjoerd Mulder (Wytgaard) en
Sem Groen (Makkum)

Ferliezersronde

1e priis: Jimte Tilma (Mantgum) en
Sander Velzen (Easterein)

2e priis: Brain Oosting (Mantgum) en
Gjalt van Klink (Wûns)

Pupillen famkes

1e priis: Minke Tjalsma (Boalsert) en
Minke Lys Leenstra (Gau)

2e priis: Afke Galema (Reahûs) en
Floorke de Boer (Hommerts)

3e priis: Marit van der Meer (Skearnegoutum),
Janet Adema (Tsjom) en
Anna Marit Twijnstra (Gau)

Ferliezersronde

1e priis: Rixt Punter (Raerd) en
Dianna de Jong (Wommels)

2e priis: Brecht Stegenga (Easterein),
Brecht Rinia (Wûns) en Jildou Twijnstra (Gau)

Skoaljonges

Sy keatsten yn in poule mei 4 partoeren. Dit wiene de
winners:

1e priis: Thijs Lanting (Skearnegoutum), Johan Gastra
(Kûbaard) en Tyme Jonker (Mantgum)

2e priis: Daan Kooistra (Raerd), Johannes de Boer
(Hommerts) en Jesse Hoitema (Itens)

Skoalfamkes

Hjir stiene 10 partoeren op 'e list. Dit wiene de winners:

1e priis: Berber van der Goot (Goaiïngea) en
Jetske Zijlstra (Sibrandabuorren)

2e priis: Wieke Schaap (Turns) en
Mare Dijkstra (Makkum)

3e priis: Inez Bosch (Arum), Steffi Altenburg (Reahûs)
en Stientje Geertsma (Mantgum)

Ferliezersronde

1e priis: Brecht Renema (Heech),
Meini van Abbema (Skettens) en
Geertje van der Weide (Hidaard)

2e priis: Martsen van der Goot (Goaiïngea),
Janiek van der Brug (Wytmarsum) en
Marika Ligthart (Itens)



Jonges en Fammen:

As lêste de winners fan it troch elkoar lutsjen by de jonges en fammen:

1e priis: Jardo Sterkenburg (Sweins) en
Tjerk Andringa (Reahûs)

2e priis: Folkert Yde Kievit (Sibrandabuorren) en
Hieke Bootsma (Turns)

3e priis: Rigt van der Velde (Goaiïngea),
Amarins Gerbrandy (Reahûs) en
Anna-Boukje Altenburg (Hidaard)

04-07-2021: Ledepartij

De tredde ledewedstriid fan it seizoen, wat in moaie keatserij ha we hjoed sjoen. In protte partoeren wiene flink oan mekoar weage, wat resultearre yn lange en spannende partijen. Foar de manlju wie it in frije formaasje wedstriid en foar de froulju t.i.l.

3 Partoeren yn de A klasse, elts keatste dus 2 kear. Op papier like dit net safolle mar yn de praktyk wie foar alle 3 partoeren 2 wedstriden mear dan genôch. Se ûntrûnen mekoar net safolle en fochten foar eltse slach. Moai om te sjen dat de âldere generaasje it net ferleart en dat de jonge generaasje hieltyd better wurdt. Julian wûn mei syn maten Rémon en Stefan de hage nei 2 winstpartijen.

A klasse

1e priis: Julian Faber, Rémon Bouma en
Stefan van Krimpen

Yn de B klasse stiene 6 partoeren op de list, sy keatsten it saneamde 'Sneker systeem'. 3 Partijen keatse op dizze broeierige snein wie foar guon wat tefolle mar

oaren laden krekt wer op. In wiere kreaker yn de lêste omloup tusken Bote, Wietse & Jelmer en Ids, Johannes & Jelle. Beide partoeren wiene as iennigen noch yn de race om de krânsen. Mei alles oan de hang wie it in echte finale. Bote c.s. pakten op it nipperke de winst.

B klasse

1e priis: Bote Jellema, Wietse Vink en
Jelmer Hazenberg

2e priis: Ids de Boer, Johannes Hazenberg en
Jelle de Boer

3e priis: Harm-Auke Dijkstra, Steef Haarsma en
Geert Dijkstra

De froulju keatsten yn in poule, sadwaande koe elts 3x yn aksje komme. Ek hjir yn de lêste omloup it treffen tusken de partoeren dy't noch om de krânsen stride koene; Judith, Gerbrig & Dieuwke en Jitske, Fianne & Jacqueline. Mei 5-5:6-4 lutsen Judith en har maten oan it langste ein en koene mei de krânsen nei hús.

Froulju

1e priis: Judith v/d Weerdt, Gerbrig Reitsma en
Dieuwke Kooistra

2e priis: Jitske Plantinga, Fianne Dijkstra en
Jacqueline Buma

11-07-2021: Okkema partij

Hjoed wie de jierlikse Okkema partij. Dit is in federaasje-wedstriid dy't iepen stiet foar alle federaasjes. Mei mar leafst 28 partoeren op de list yn 4 klassen wie der sprake fan in mear dan prima opkomst! It wie it slotstik fan ús Eastereiner keatswykein. Dizze begûn freedtejûn mei in klinik foar ús jeugdleden, dizze klinik waard jûn troch it



haadklassepartoer fan Hans Wassenaar, Tjisse Steenstra en Renze Pieter Hiemstra. De dei dêrnei de Jong-Feinte partij en hjoed op 'e nij it fjild fol mei fanatike keats(t)-ers. Somtiden drege keatserij mei lange partijen, foardat yn de A-klasse kaam der gjin ein oan, it wie tsjin 18.30 oere foardat de lêste slach slein waard.

Hjirûnder de priiswinners:

Froulju f.f.

- 1e priis: Aaltsje Kroes, Marije Jonker en Nynke Schipper
- 2e priis: Idske Zijlstra, Froukje Dijkstra en Michelle Bruinsma

Manlju A klasse f.f.

- 1e priis: Dirk-Yde Sjaarda, Hendrik Kuiper en Marten Faber
- 2e priis: Jelmer Dijkstra, Jan Feenstra en Albert Feenstra
- 3e priis: Egbert Bootsma, Gert-Jan Bootsma en Johannes Breeuwisma

Ferliezersronde

- 1e priis: Jelle de Vries, Johannes Heeg en Ewout de Boer
- 2e priis: Julian Faber, Ferdinand van der Zee en Rémon Bouma

Manlju B klasse f.f.

- 1e priis: Sipke Hiemstra, Siebe Tolsma en Evert Tolsma
- 2e priis: Luka van der Weg en Johan Gastra
- 3e priis: Durk Noordenbos, Haite Hein Miedema en Joop Hoekstra

Ferliezersronde

- 1e priis: Stefan van Krimpen, Jos Houtsma en Bert Couperus
- 2e priis: Hylke Flapper, Jacob Willem Strikwerda en Jan Flapper

Manlju C klasse f.f.

- 1e priis: Tom Couperus, Tjerk Okkema en Hendrik Okkema
- 2e priis: Jelmer Hazenberg, Wietse Ligthart en Jorrit Veldman

Us lokwinken foar alle priiswinners! Yn it bysûnder foar it partoer fan de bruorren Okkema, je eigen partij winne is dochs prachtich! En fansels ek tank oan harren foar de stipe! It wie in moaie keatswykein yn Easterein!

17-07-2021: Ledepartij jeugd (mei KF Wommels)

Gjin ferslach.

Kabouters

- 1e priis: Jesse Kuiper en Jelke Sijbesma
- 2e priis: Meike Overwijk en Wout Dijkstra



Oan de hân fan 'e foto de oare priiswinners fan KF Easterein: Tryntsje de Jong (krânse), Marrit v/d Weij, Sanne Frouk Dijkstra, Tjitske Joustra.



15-08-2021: Pearkekeatsen

Normaal altyd fêste prik op earste Pinksterdei mar troch corona moast it pearkekeatsen fersetten wurde nei letter yn it seizoen.

Der waard keatst yn 3 ferskillende klassen: A klasse mei gewoane bal en A en B klasse mei sêfte bal. Foar it earst koe der dit jier keazen wurde mei hokker bal der keatst waard. Under moaie simmerske omstannichheden wie it in prima keatsdei!



De priiswinners:

A-klasse gewoane bal

- 1e priis: Julian Faber en Marije Kuperus
- 2e priis: Christian Hoekstra en Froukje Dijkstra
- 3e priis: Jelmer Hazenberg en Hedwig Wiersma

Ferliezersronde

- 1e priis: Durk Haringsma en Jitske Plantinga
- 2e priis: Rémon Bouma en Gabriele Bouma

A-klasse sêfte bal

- 1e priis: Bote Jellema en Petra Jellema
- 2e priis: Janieke Dijkstra en Ypie van Sinderen

Ferliezersronde

- 1e priis: Stefan van Krimpen en Vera de Vries
- 2e priis: Pieter Porte en Anneke Porte

B-klasse sêfte bal

- 1e priis: Hendrik Okkema en Mirjam Okkema
- 2e priis: Tom Couperus en Talitha Dijkstra

24-08-2021: Alder-bernpartij

Op tiisdei 24 augustus wie it wer tiid foar it âlder-bern keatsen yn Easterein. Dik tweintich partoeren op de list en in moaie simmerjûn makke it op ús keatsfjild ta in prachtich barren. Ekstra kleurrik waard it omdat in protte âlders en harren bern goed lustere hiene nei de oprop om ferklaaid te kommen.



Tidens dizze foarlêste keatspartij foar ús jeugd, waard der twa kear tweintich minuten keatst. It belangrykste fine wy as jongerein-kommisje it hawwen fan wille mei-inoar. Tidens dizze jûn wurdt der dêrom dan ek net om prizen keatst. Wol waarden de bern en harren âlders troch Geja en Martina goed yn de watten lein, want oan iisko's, chips en wat plankjes mei tsiis en woarst wie der gjin gebrek! Froulju, noch ris tige tank!



Mochten jo trouwens oer in skoftke de keatsferiening yn it Guinness Book of Records oantrefte, dan kin dat. Want wy binne yn elts gefal fan miening dat sawol it lizzen as it ôfbrekken fan de perken yn rekordtiid plakfûn hat. Grutte klasse dat der safolle efkes meiholpen ha om dit yn oarder te meitsjen. Fansels lizze de perken oare kear gewoan wer foar jimme klear!

Kommende freed is alwer de lêste partij foar de jeugd. Wy slute it seizoen dan ôf mei it nachtkeatsen! Tidens dizze partij wurde ek de priiswinners fan de kompetysje bekend makke.

Wy geane foar in prachtige jûn!

28-08-2021: Nachtkeatsen senioaren

Foar it earst in oere earder begjinne met it nachtkeatsen, om 20 oere yn stee fan 21 oere. Dit makke it wat lestich om elts op 'e tiid op it fjild te krijen. Mar nei in oprop fia de app streamde de kantine dan dochs fol en koe der útein setten wurde.

Yn de 1e omloop makke in blessuere in ein oan de partij foar Stefan van Krimpen; de pink út de kom. Lokkich woe Durk Haringsma foar him ynfalle.

By de B maten in dielde 1e priis foar Jeen en Tim: se hiene eksakt deselde foar- en tsjinearsten mar ek nochris deselde tsjinpunten yn de lêste earsten. Hjirûnder de priiswinners:

A maten

1e priis: Marten Faber (21 foar - 9 tsjin)
2e priis: Durk Haringsma (17 foar - 10 tsjin)
3e priis: Julian Faber (17 foar - 11 tsjin)

B maten

1e priis: Jeen Houtsma, Tim Sweering (21 foar - 8 tsjin)
3e priis: Jorrit Veldman (21 foar - 10 tsjin)

C maten

1e priis: Ypie van Sinderen (21 foar - 10 tsjin)
2e priis: Richt Fokkens (21 foar - 13 tsjin)
3e priis: Julia Paauw (17 foar - 12 tsjin)



19-09-2021: Slotpartij

De dei begûn wat kâld, mar gelokkich kaam al gau de sinne troch de grize loft hinne. In moaie dei om te keatsen.

Nei in iepeningswurdsje fan ús foarsitter, gong de earste omloop fan start mei sa'n 40 keatsers, 14 partoeren yn totaal. Der waarden 3 omlopen ferkeatst, eltse kear yn in oare gearstalling. Troch wat blessueres moasten de partoeren hjir en dêr noch wol wat oanpast wurde. Mar de gelearden hiene dat gau oplost.

Tidens de omlopen wiene der leuke struiprizen te winnen, foar bygelyks in boppeslach of in sitbal. Jelmer Hazenberg wûn de measte prizen, hy wist it faakst op de goeie mominten de opdracht út te fieren.

It wie moai om te sjen hoe't jong mei âld keatste én hoe't jong tsjin âld keatste. Nei trije omlopen keatst te

hawwen wie it tiid foar de útslach. Foar eltse kategory wiene der 4 yndividuele prizen, moaie pakketsje fan de bakker.

A-klasse

1e priis: Rémon Bouma
2e priis: Bote Jellema
3e priis: Robert Sijbesma
4e priis: Julian Faber

B-klasse

1e priis: Durk Haringsma
2e priis: Pieter Porte
3e priis: Jorrit Veldman
4e priis: Tymen Dijkstra

C-klasse

1e priis: Wietse Ligthart
2e priis: Mattie Dijkstra
3e priis: Talitha Dijkstra
4e priis: Klaske Plantinga

Ek de **kompetysje winners fan 2021** waarden yn it sintsje setten.

By de **manlju** wiene dat:

1e priis: Roel Sijbesma
2e priis: Durk Haringsma
3e priis: Jelmer Hazenberg

By de **froulju** wiene dat:

1e priis: Petra Jellema
2e priis: Wiepkje Hiemstra
3e priis: Jitske Plantinga

As Keatser fan it jier 2021 waard **Wilma Sjaarda** keazen.

Nei de priisútrikking waard de bbq oanstutsen. Der waard hearlik fleis foar ús klearmakke troch kok Michel en syn goeie hulp Chris. Mei derby moai opmakke salades en stokbôle.

Al mei al in moaie ôfsluter fan it keatsseizoen 2021!

12-12-2021: Sealkeatsen

Snein 12 desimber stie ús jierlikse sealkeatswedstriid wer op de aginda. De lêste keatsaktiviteit fan it jier 2021. It wie efkes spannend oft it trochgean koe, mar úteinlik ha 12 persoanen harren opjûn. Om 10.30 oere wie elts oanwêzich en binne we begûn mei in lekker stikje gebak om te fieren dat Couperus Hydrauliek bytekene hat foar noch ris 5 jier as haadstiper.

Nei it wolkomspraatsje en de kofje mei gebak, gong it los. Yn twa-tallen waard der folop keatst. Om 14 oere wie der foar guon minsken in ekstra skoff om de start fan Max Verstappen te sjen. Mar rûn 14.30 oere wie eltsenien klear en koe men oanskôwe yn de kantine foar de formule 1.





De priisútrikking moast hjirtroch útsteld wurde oant nei de race. Mar doe wie it dan safier en koene de prizen útrikt wurde. Dit binne de priiswinners:

A-klasse

1e priis: Rémon Bouma (21 foar - 9 tsjin)
 2e priis: Hans Kooistra (19 foar - 13 tsjin)
 3e priis: Abe-Jan Stegenga (18 foar - 8 tsjin)

B-klasse

1e priis: Tjerk Okkema (21 foar - 7 tsjin)
 2e priis: Tom Couperus (17 foar - 11 tsjin)
 3e priis: Jildou Couperus (15 foar - 13 tsjin)

JONG FAMMEN – PC – ALD MEIERS – FREULE – FROULJUS PC

03-07-2021: Jong Fammen Partij – Mantgum

Foar Easterein keatse hjoed Roelie Kroondijk, Corrie Kroondijk en Jeska Terpstra. Sy wûnen de earste omloop fan Jirnsum. Spitigernôch ferlearen se yn de twadde omloop mei alles oan de hang fan Goaiïngea. Mantgum wie de úteinlike winner fan de Jong Fammen Partij.

04-08-2021: PC – Frjentsjer

Op de manljus PC 2021 diene 2 Eastereiner manlju mei (1 âld Eastereiner), Jelte-Pieter Dijkstra en Bauke Dijkstra, beide mannen giene der yn de earste omloop ôf.

07-08-2021: Ald-Meiers – Hitsum

Easterein docht dit jier net mei.
 Boalsert wint dit jier de Ald-Meiers.

11-08-2021: Freule – Wommels

Easterein docht dit jier net mei.
 Tsjom wint dit jier de Freule.

25-08-2021: Frouljus PC - Weidum

Der stiene 5 Eastereiner froulju (1 âld Eastereiner) op de list. Corrie Kroondijk, Roelie Kroondijk, Sietske Okkema, Jeska Terpstra en Tineke Dijkstra.

Corrie Kroondijk mei har maten Wybrig Bakker en Gerde Lycklama ferlieze yn de earste omloop.

Roelie Kroondijk mei Klasina Huistra en Simona Kootstra geane der ek ôf yn de earste omloop, ek Sietske Okkema, Jeska Terpstra en Martzen Deinum komme net fierder as de earste omloop.

Tineke Dijkstra ferliest mei har maten Louise Krol en Harmke Siegersma yn de finale fan Nynke Sybrandy, Manon Scheepstra en Marrit Zeinstra mei 5-2:6-4, se winne sa in moaie twadde priis op dizze Frouljus PC. Lokwinske! Foar Tineke wie dit har lêste PC en dan ek noch in twadde priis winne, geweldich, dit is in moaie manier om ôfskied te nimmen fan it keatsen.

NEDERLÂNSKE KAMPIOENSKIPPEN

NK Pupillen Famkes: 03-07-2021 yn Berltsum

Easterein docht net mei.
 Lollum-Waaksens wint it NK.

NK Pupillen Jonges: 03-07-2021 yn Arum

Easterein docht net mei.
 Achlum wint it NK.



NK Skoalfamkes: 10-07-2021 yn Peins

Foar Easterein keatse: Fianne Dijkstra, Liset Sijbesma en Brecht Stegenga. De 1e omloop winne se fan Stiens mei 5-3: 6-6 ek de twadde omloop witte se te winnen fan Raerd mei 5-2:6-6. Spitigernôch ferlieze se de tredde omloop van Dronryp 1 met 5-3:6-2. De Trije Doarpen (Nijewier/Mitselwier/Easternijtsjerk) wint it NK.

NK Jonges: 17-07-2021 yn Bitgum

Easterein docht net mei.
Boalsert wint it NK.

NK Famkes: 24-07-2021 yn Penjum

Easterein docht net mei.
Makkum wint it NK.

NK Skoaljonges: 31-07-2021 yn Wommels

Easterein docht net mei.
St. Anne wint it NK.

NK Manlju 50+: 21-08-2021 yn Drylst

Easterein hat mar leafst 2 partoeren dy't meidogge. Easterein 1 mei de keatsers Sipke Hiemstra, Roel Sijbesma en Jan Vellinga en Easterein 2 mei de keatsers Tjeerd Dijkstra, Eppie Heins en Tjerk Okkema. Easterein 1 ferliest yn de 1e omloop krekt fan Drylst mei 5-5:0-6. Spitigernôch ferliest ek Easterein 2 yn de earste omloop fan Jorwert mei 5-4:6-0. Jelsum/Koarnjum/Britsum wint it NK.

NK Froulju: 28-08-2021 yn Froubuorren

Foar Easterein keatse Sietske Okkema, Corrie Kroondijk en Jeska Terpstra. De earste omloop hat Easterein in steand nûmer, de twadde omloop ferlieze se fan Boalsert mei 2-5: 2-6. Goutum wint it NK.

NK Junioaren: 28-08-2021 yn Frjentsjer

Easterein docht net mei.
Eksmoarre wint it NK.

NK Senioaren: 04-09-2021 yn Tsjom

Easterein, mei Dirk-Yde Sjaarda, Bauke Dijkstra en Jan Schurer, ferliest yn de 3e omloop van Bitgum met 1-5:0-6. Earder wûn Easterein fan Moarre-Ljussens mei 4-5:4-6 en fan Boalsert mei 3-5:2-6. Minnertsgea wint it NK.

KNKB Klasseminten

Nr	Keatser	Punten	Nr	Keatser	Punten
21	Welpen famkes		40	Welpen jonges	
52	Pupillen famkes		53	Pupillen jonges	
49	Skoalfamkes		57	Skoaljonges	
21	Fianne Dijkstra	7	77	Jonges	
44	Liset Sijbesma	1	33	Manlju Junioaren	
46	Famkes		36	Manlju 35+	
15	Dames Junioaren		97	Manlju 50+	
3	Corrie Kroondijk	3	8	Anco Elgersma	9
10	Roelie Kroondijk	2	20	Roel Sijbesma	7
43	Froulju 1e klasse		32	Jan Vellinga	5
1	Roelle Kroondijk	11	44	Tjeerd Dijkstra	3
3	Corrie Kroondijk	10	76	Sipke Hiemstra	1
20	Sietske Okkema	6	90	Simon Kingma	0
21	Jeska Terpstra	6	43	Manlju 2e klasse	
34	Froulju Haadklasse		63	Manlju 1e klasse	
10	Tineke Dijkstra	12	8	Bauke Dijkstra	7
23	Sietske Okkema	3	21	Jelte-Pieter Dijkstra	5
24	Jeska Terpstra	3	46	Manlju Haadklasse	
30	Roelie Kroondijk	1	45	Jelte-Pieter Dijkstra	1
31	Corrie Kroondijk	1	Nr	Top trije measte punten Manlju	
Nr	Top trije measte punten Froulju		1	Anco Elgersma	9
1	Corrie Kroondijk	14	2	Bauke Dijkstra	7
1	Roelie Kroondijk	14	2	Roel Sijbesma	7
2	Tineke Dijkstra	12			

Keatsmominten út 2021

Maaie

- 2 'Kleintje Keatskamp', spitigernôch troch corona ek dit jier mar 1 dei ynstee fan 3
- 5 Roelie, Corrie en Liset ha in klinik jûn, krekt efkes wat oars as it echte keatsspultsje

Juny

- 19 Federaasje jeugd yn Skearnegoutum 1e priis Fianne Dijkstra

July

- 9-11 Earste Eastereiner Keatswykein mei in keatsklinik foar de jongerein op freed, dizze klinik waard jûn troch Renze Pieter Hiemstra, Hans Wassenaar en Tjisse Steenstra, de Jong-Feintepartij op sneon en de Okkemapartij op snein
- 11 Manlju 1e klasse f.f. yn Wjelsryp 1e priis Jelte-Pieter Dijkstra
- 18 Manlju 1e klasse f.f. yn Winsum 1e priis Bauke Dijkstra
- 23 Froulju junioaren 1e klasse t.i.l. yn Wommels 1e priis Corrie Kroondijk
- 24 Froulju 1e klasse t.i.l. yn Harns 1e priis Roelie Kroondijk
- 25 Manlju 50+ t.i.l. yn St. Jabik 1e priis Jan Vellinga
- 25 Froulju 1e klasse f.f. yn Jellum-Bears 1e priis Roelie Kroondijk
- 31 Froulju 1e klasse f.f. yn Warkum 1e priis Sietske Okkema en Jeska Terpstra



Augustus

- 1 Froulju 1e klasse f.f. yn Jelsum-Koarnjum 1e priis Roelie Kroondijk
- 7 Federaasje jeugd yn Surch 1e priis Fianne Dijkstra
- 7 De Bonnema partij yn Nijlân 1e priis Bote Jellema
- 8 Froulju 1e klasse f.f. yn Peins 1e priis Roelie Kroondijk
- 14 Froulju 1e klasse f.f. yn Hallum 1e priis Corrie Kroondijk
- 14 Skoalfamkes B t.i.l. yn Hitsum 1e priis Fianne Dijkstra
- 25 Frouljus PC yn Weidum 2e priis Tineke Dijkstra
- 29 Manlju 50+ A klasse t.i.l. yn Balk 1e priis Tjeerd Dijkstra
- 29 Manlju 50+ B klasse t.i.l. yn Balk 1e priis Roel Sijbesma



Oktober

- 21-24 EK jeugd yn Frjentsjer ûnderdiel Wallball famkes oant 19 jier
2e priis Corrie Kroondijk en by it ynternasjonaal spul wûn se in 3e priis



